

Produktferslach

Afûk

2018

Bûterhoeke 3
8911 DH Ljouwert
Postbus 53
8900 AB Ljouwert
(058) 2343070
www.afuk.frl

Ynhâld

	side
Oersjoch meiwurkers	3
1. Algemien	4
1.1. Fisy en missy fan de Afûk	4
1.2. Provinsjaal belied	4
2. Taaloerdracht	5
2.1. Kursussen foar folwoeksenen	5-6
2.1.1. Toetsing en evaluaasje	6
2.1.2. Untwikkeling en begelieding	6-9
2.1.3. Oersjoch kursisten	10-12
2.1.4. Oersjoch eksamens	13
2.2. De trochgeande learline	14
2.2.1. Taalstimulearring foarskoalske perioade	14-19
2.2.2. Primêr ûnderwiis	19-24
2.2.3. Fuortset ûnderwiis	24-26
2.2.4. Middelber beropsûnderwiis	26
2.2.5. Evaluaasjesysteem Frysk - Grip	27-28
3. Taalpromoasje	29
3.1. Stipepunt	29
3.2. GemeentenenFrysk	29-32
3.3. Oersetburo	32
3.4. Frysk yn it rjochtsferkear	33
3.5. Taal yn 'e soarch	33-34
3.6. Alderein: Dat wie doe sa	34-35
3.7. (Takomstige) âlden mei jonge bern: HEIT&MEM	35-37
3.8. PraatmarFrysk kampanje	37-42
3.9. Lân fan taal	42-56
4. Kultueroerdracht	51-52

Oersjoch meiwurkers

Alex de Jager	direkteur fan 1 febrewaris 2018 ôf	100%
Koen Eekma	direkteur oant 1 febrewaris 2018	100%
Stephan Berger	meiwurker ûnderwiis	55,56%
Willy Bergsma	projektmeiwurker	22,22%
Lisa Boersma	projektkoördinator ûnderwiis	88,89%
Gelske Bosch	projektkoördinator ûnderwiis	100%
Ernst Bruinsma	haad útjouwerij/einredakteur	100%
Brecht van Dijk	meiwurker winkel	16,67%
Tjitske van Dijk	projektmeiwurker ûnderwiis	66,67%
Douwke Douma	projektkoördinator soarch	77,78%
Jan Douwes	projektmeiwurker ûnderwiis	100%
Renske Engbrenghof	meiwurker útjouwerij/winkel	88,89%
Ida Heddemma	meiwurker útjouwerij	72,22%
Hitty van der Hout	meiwurker winkel	51,39%
Sjoukje Jager	projektmeiwurker	55,56%
Fokke Jagersma	projektkoördinator gemeenten	100%
Siegbert de Jong	eksamenorganisator/korrektor	55,56%
Lineke Kuiper	kursusorganisator	100%
Tineke Lemstra	meiwurker finansjele administraasje	66,67%
Dieuwke van der Meer	projektmeiwurker	77,78%
Hermien van der Meer	meiwurker útjouwerij	88,89%
Renske van der Meer	projektmeiwurker	66,67%
Sietske Nadema	meiwurker útjouwerij	22,22%
Ciska Noordmans	projektmeiwurker	72,22%
Hieke Rienstra	projektkoördinator ûnderwiis	88,89%
Ruth Rottiné	meiwurker winkel	44,44%
Jikke Sikkema	meiwurker finansjele administraasje	22,22%
Ytsje Steen	korrektor	22,22%
Corry van der Vee	sekretaresse	58,33%
Mirjam Vellinga	haad taalpromoasje	88,89%
Tietja Visser	meiwurker finansjele administraasje	66,67%
Rieneke Weidenaar	meiwurker útjouwerij/winkel	55,56%
Gerda van der Wijk	meiwurker útjouwerij/winkel	77,78%
Sito Wijngaarden	projektmeiwurker multymedia	100%

Stazjêr(e)s

Sophie Helleman
Kay de Vries
Guillem Belmar
Bouteam Friese Poort foar Talepaviljoen MeM

1. ALGEMIEN

1.1. Fisy en missy fan de Afûk

De Afûk wol it Frysk ticht by de minsken bringe. Taal is it meast wêzentlike skaaimerke fan de minske. Mei taal kin in minske syn tinzen en gefoelens ûnder wurden bringe, mei oaren yn kontakt komme en him uterje yn ekspresjefoarms lykas sjongen, toanielspyljen en skriuwen. Troch de taal is de minske in sosjaal wêzen en in kultuerdrager. Beide aspekten binne fansels ek wichtich as it om de Fryske taal giet: taal as middel foar kommunikaasje en kultueroerdracht.

Taal ticht by de minsken bringe betsjut dan ek dat wy beide aspekten fan de taal brûke wolle. By it learen fan de taal giet it net allinnich om de feardichheden ferstean, lêzen, praten en skriuwen, mar ek om it belibjen fan de taal yn muzyk, toaniel, ferhalen en poëzy. En, om it perspektyf noch wat breder te lûken, doele wy hjir ek op de ferbining fan de taal yn de sosjale kontekst, it lânskip en de skiednis, as wichtige aspekten fan de Fryske identiteit.

1.2. Provinsjaal belied

Yn 2016 is it belied fan de nije koalysje dellein yn de beliedsbrieff 'Holle, hert en hannen', dy't jildt foar de beliedsperioade 2016-2020. Yn ús produktplan hawwe wy safolle mooglik oansluting socht by dat provinsjaal belied.

Om't de Afûk as organisaasje yn de oanrin nei de beliedsperioade 2016-2020 hieltyd mear wurket op basis fan de spearpunten Taalpromoasje, Taaloerdracht en Kultueroerdracht, binne dat ek de haadpunten yn dit jierferslach. De middels dy't wy dêrta brûke, binne mei it each op de trije haaddoelen byinoar brocht yn: Stipepunt, Underwiis en Utjouwerij/winkel.

2. TAALOERDRACHT

De Afûk hâldt him al mear as njoggentich jier dwaande mei taaloerdracht. Fryske taalkursussen foar folwoeksenen foarmen desennialang de wichtichste poat fan de Afûk. Dêrby kaam letter it ûntwikkeljen en útjaan fan lesmaterialen foar it reguliere ûnderwiis. Benammen de lêste tsien jier hat troch de ûntwikkelingen op it stik fan ynternet it produsearjen fan digitaal lesmateriaal in hege flecht nommen. It provinsjaal programma *Boppeslach* hat dêr de earste oanset ta jûn en it *Deltaplan Frysk* makke it mooglik dat dêr ek yn de jierren dêrnei in ferfolch oan jûn wurde koe. Dit ferslach jout in oersjoch fan de trochgeande learline dy't dêr oant no ta foar ûntwikkele is. Njonken dat digitale oanbod hat de edukaasje foar folwoeksenen syn eigen jierprogramma mei sa'n fjirtich aktive lesjouters yn 'e provinsje. Sy meitsje gebrûk fan de byhearrende learmiddels: kursusboeken en dêrby it oanbieden fan taallearen mei it digitale learplatoarm eduFrysk.

2.1. Kursussen foar folwoeksenen

Yn it ôfrûne jier wie der foaral in grutte taname by de kursussen foar it ferstean en praten fan it Frysk, sawol partikulier as saaklik. It totale tal kursisten lei yn 2018 krekt boppe de tûzen dielnimmers. In lytse hûndert kursisten mear as yn it jier 2017. De measte kursisten hawwe meidien oan in reguliere basiskursus foar ferstean, lêzen, praten en skriuwen. Dêrneist koene kursisten dielnimme oan in bedriuwskursus, in priveekursus, in workshop of in selsstúdzjekursus. Yn 2018, it jier fan Kulturele Haadstêd, hawwe de Afûk en de Fryske Akademy in online kursus Ingelsk-Frysk oanbean. 398 dielnimmers hawwe yn 2018 de selsstúdzje *MOOC Frisian* folge.

Kursusprogramma

It folsleine kursusprogramma bestie yn 2018 út twa blokken mei groepskursussen (partikulier), kursussen op maat (saaklik: oerheden, bedriuwen, organisaasjes en ferieningen) en selsstúdzjekursussen.

Frysk ferstean, lêzen en praten

LearmarFrysk 1 en 2; PraatmarFrysk 1 en 2; Spoedkursus Fries; PraatmarRaak; Priveekursus; Kursus op maat; Zelfstudie Fries Verstaan en Lezen mei kursusboeken en/of eduFrysk; Frisian MOOC; Ingelsk-Frysk 'Learning Frisian Home Study'; Dútsk-Frysk 'Friesischer Sprachkurs'.

Frysk skriuwen; taal, skiednis en kultuer; Literatuer; foech Frysk

SkriuwmarFrysk 1 en 2; Frysk & Fryslân 1 en 2; Literatuer; Skiednis & Literatuer; Kursus op maat 'Frysk yn it offisjele ferkear'; Kursussen op maat; Akte&Didaktyk-oplieding; Selsstúdzje Frysk Skriuwen mei kursusboeken en/of eduFrysk; Taalreis troch Europa; Opfryskkursus; Workshop Frysk Skriuwen.

It reguliere kursusseizoen hat twa startmominten: oktober en febrewaris. Op oanfraach wurdt in kursus Frysk op in oar momint yn it jier organisearre. De lessen fan de kursussen binne wykliks, mei útsûndering fan de skoalfakânsjes. De lessen duorje twa oeren en wurde benammen jûns holden fan 19.30-21.30 oere.

De kursussen Frysk wurde meastentiids yn de gruttere plakken yn Fryslân organisearre, b.g. Ljouwert, It Hearrenfean, Drachten, Snits, Dokkum en Frjentsjer.

By alle groepskursussen wurdt troch in diplomearre dosint lesjûn. Nei ôfrin fan de kursus ûntfange kursisten in sertifikaat foar it dielnimmen. De noarm is 80 prosint oanwêzichheid en it suksesfol folge hawwen fan de kursus. Dêrneist kinne kursisten dy't de kursussen Skriuwmars Frysk 1 en 2 folge hawwe meidwaan oan it basiseksamen foar it Frysk skriuwen, it *Fryslân A-eksamen*, dat twa kear yn it jier plakfynt, ein jannewaris en ein april.

Taalnivotsjek

Minsken dy't in kursus Frysk folgje wolle, kinne foarôfgeand oan de kursus harren nivo teste en sa bepale hokker kursus oft it bêste by harren past. Dêrneist kin elkenien dy't witte wol hoe't it mei syn/har nivo fan it Frysk stiet dy tsjek ek dwaan. Der binne twa testen: ien foar net-Frysktaligen, foar it ferstean, lêzen en praten en ien foar Frysktaligen, foar it skriuwen. De taalnivotsjek slút oan op it rrf, it referinsjeramt Frysk.

In earste haadstik fan it kursusboek wurdt wolris tastjoerd, sadat minsken in idee krije fan de kursus en better besjen kinne oft dy geskikt foar harren is. Foar wa't dat op priis stelt, is der boppedat de mooglikheid om in earste les by te wenjen, om te ûnderfinen oft de kursus oanslút by de learwinsken.

2.1.1. Toetsing en evaluaasje

Fryslân A-eksamen

It A-eksamen is yn jannewaris en april 2018 ôfnommen. De ôfnamemominten binne no fuort nei it ôfsluten fan de kursus *Skriuwmars Frysk – module 2*.

Yn jannewaris hawwe der 23 dielnimmers meidien en yn april wiene der 32 kandidaten.

Fan de 55 dielnimmers koene 48 minsken it A-diploma yn ûntfangst nimme.

De eksamenkommisje hat him ûnder lieding fan deskundige Reitze Jonkman fierder ferdjippe yn de toetsing. Mei yngong fan jannewaris 2019 sille de ûnderdielen tekstbegryp, tiidwurden en stavering oanpast wurde, sadat der objektiver toetst wurde kin.

Learmars Frysk-toets

Yn 2017 is foar it earst in digitale toets foar net-Frysktalige kursisten ôfnommen. De toets koe makke wurde nei it folgjen fan de kursussen *Learmars Frysk 1 en 2*. It is in koarte toets dy't kursisten meitsje kinne tusken les 9 en les 10, om te sjen wat se leard hawwe. It is net in offisjeel eksamen. De ûnderfining is dat sawat de helte fan de kursisten de toets makket.

2.1.2. Ontwikkeling en begeleiding

Learmiddels

PraatmarFrysk, module 1 en 2

De beide modulen fan *PraatmarFrysk* binne folslein fernijd. Beide modulen besteane no út tsien lessen. De nije tema's wurde yntrodusearre oan de hân fan dialogen (module 1) en lêsteksten (module 2). De kursisten betinke yn de les nije wurdskat en sinnen en de betochte wurdskat en sinnen kinne thús leard wurde mei help fan flashcards op eduFrysk. Yn de folgjende les kin dan oefene wurde mei it praten oer de tema's. De lesjouwers hawwe dêrfoar in grut oantal praatopdrachten út de hantlieding ta harren foldwaan.

De grammatika wurdt oanbean oan de hân fan foarbyldsinnen. Der wurdt fan útgien dat kursisten dy't meidogge oan module 2 al wat better Frysk prate kinne. De praatopdrachten yn dy module binne wat dreger en kursisten kinne sels ek presintaasjes hâlde oer in nijsgjirrich ûnderwerp.

Module 1 is yn oktober 2017 fan start gien. De ûnderfiningen fan lesjouwers en kursisten wiene posityf. Module 2 is yn de winter fan 2017 ûntwikkele en yn jannewaris 2018 foar it earst oanbean. Nei oanlieding fan de opmerkingen fan de lesjouwers binne beide lesplannen op eduFrysk wat oanpast yn 2018.

PraatmarRaak

Foar de konversaasjekursus *PraatmarRaak* fan 6 lessen wie noch gjin lesmateriaal beskikber. Lesjouwers brûkten foar dy kursus foaral eigen materiaal. Der is yn 2018 in hantlieding gearstald foar de kursus, mei in grut ferskaat oan praatopdrachten en opdrachten om de tiidwurden te oefenjen. De lesjouwers kinne sels in kar meitsje út de ferskillende opdrachten.

Fries in de zorg

Foar de kampanje 11huisartsen.frl en mei út namme fan de provinsje Fryslân is de Afûk frege in *kursus op maat* te ûntwikkeljen foar minsken dy't yn de soarch wurkje en it Frysk noch net machtich binne.

Op eduFrysk is in kursus fan 6 lessen ûntwikkele dy't digitaal folge wurde kinne. Soarchprofessionals kinne yn eigen tiid en yn har eigen tempo in begjin meitsje mei it learen fan de Fryske taal. Benammen foar de (passive) feardichheid ferstean. De tema's binne û.o. *het lichaam, klachten uitleggen en gezondheid en preventie*.

Frysk yn it offisjele ferkear

It kursusboek *Frysk yn it offisjele ferkear* wie ferâldere en al in skoftke net mear beskikber. Omdat der hieltyd mear kursussen foar amtners organisearre wurde, wie der ferlet fan nij materiaal. Ien fan de lesjouwers dy't de kursus yn it ferline ek joech, hat in seleksje makke út it âlde materiaal en dy oanfolle mei nijmakke materiaal.

It materiaal is as pilot brûkt by de gemeente Noardeast-Fryslân yn Dokkum. Yn 2019 sil der in kursusboek fan makke wurde.

Selsstúdzjekursussen

De kursusboeken foar *Skriuwmars Frysk 1 en 2* dy't op eduFrysk steane, binne noch in kear neisjoen en ferbettere. Foar de selsstúdzje sûnder boeken binne der aparte selsstúdzjepakketten makke. De selsstúdzjepakketten binne in lightfariant fan de kursusboeken, omdat net alle opdrachten út it boek digitaal te meitsjen binne. Yn 2018 is it kursusboek *LearmarFrysk – module 2*, de ferfolchkursus foar it ferstean en lêzen, ek oerset nei it Ingelsk-Frysk, nei't yn 2017 al de module 1, de basiskursus, yn printfoarm ferskynde: *Learning Frisian Home Study*.

MOOC Frisian

Op 14 april 2018 is de MOOC Frysk lansearre yn it Talepaviljoen. Yn 2018 hawwe 398 minsken har ynskreaun foar dizze online-kursus. Yn gearwurking mei de Fryske Akademy binne in oantal presintaasjes jûn foar ferskate groepen.

Boekje Tiidwurden

It boekje *Tiidwurden* is yn 2018 op 'e nij printe. It boekje is oanpast oan de nijste stavering fan 2015. Boppedat is rekken holden mei de foarkarswurldlist fan de Fryske Akademy.

Nije kursussen

Omrop Fryslân

In oantal meiwurkers fan de Omrop hawwe in *kursus op maat* folge. De kursus wie rjochte op it praten en der wie foaral omtinken foar de ynterferinsjes. Foar it kommende jier sil in programma op maat foar it skriuwen oanbean wurde foar de (folsleine) redaksjeôfdieling fan Omrop Fryslân.

Provinsje Fryslân

Foar it klantkontaktsintrum fan de provinsje is in intakeoets ûntwikkele foar it praten. De koördinator fynt it wichtich dat minsken dy't mei de provinsje belje yn it Frysk te wurd stien wurde kinne. Om it begjinnivo fan de meiwurkers fêst te stellen is der in toets ûntwikkele mei in beoardielingsrubryk. Neidat de intakepetearen ôfnommen binne, sil der in advys jûn wurde oer hokker kursus oft meiwurkers folgje kinne.

Workshop Frysk fuortset ûnderwiis

Yn april 2018 binne der in oantal workshops Frysk jûn oan learlingen fan in havo/vwo-skoalle út Haarlem. De learlingen wiene yn Fryslân op sylkamp en de lieding fûn it aardich dat se ek wat meikrigen fan de Fryske taal en kultuer. Dêr is in programma foar ûntwikkele dat ek ynset wurde kin by oare skoallen en groepen.

Wetterskip Fryslân

Meiwurkers fan it Wetterskip Fryslân krigen yn maart in priuwerij oanbean. Yn oardeloere waarden der in oantal ûnderdielen fan trije kursussen, foar it ferstean, praten en skriuwen (*LearmarFrysk*, *PraatmarFrysk* en *SkriuwmarsFrysk*) presintearre. Uteinlik hawwe 47 meiwurkers meidien oan in basiskursus Frysk.

Kursusorganisaasje

Op dit stuit wurdt wurke mei in administraasjesysteem dat mear as tsien jier âld is. De measte technyske saken binne net keppele, lykas de finansjele administraasje, eduFrysk, automatysk ynskriuwen en keppeljen oan kursussen, sertifisearring en toetsing.

It is de bedoeling dat der in pakket komt dat de kursuswebside keppelet oan alle systemen, sawol kursusadministraasje as finansjele administraasje, mar bygelyks ek de registraasje fan eksamenresultaten, ensfh. Foar de lesjouwers en de kursusorganisaasje sille wy û.o. ûndersykje oft it mooglik is om in dosinteportaal op te setten. Yn dat dosinteportaal kin de lesjouwer alle ynformaasje fine oer de kursus. De presinsjelisten en oare dokuminten binne dêr beskikber. Fierder kinne yn it portaal de oeren en de reiskosten byholden wurde. Yn 2018 is ûndersocht mei hokker bedriuw oft wy dit projekt útfiere kinne en ek foar de foarkant fan de kursusorganisaasje, in webside yn wordpress, is in geskikt bedriuw ree fûn. De webside sil op alle mooglike wizen keppele wurde oan it nije kursussysteem. Bedriuw Akiet út Snits en BW H Ontwerpers út Ljouwert sille yn 2019 mei dit projekt oan 'e slach.

2.1.3. Oersjoch kursisten

1.1 net-Frysktaligen	tal kursisten				
	2018	2017	2016	2015	2014
learmarFrysk - module 1	202	165	170	146	139
learmarFrysk - module 2	54	36	45	82	45
praatmarFrysk - module 1	115	92	47		
praatmarFrysk - module 2	9	21	35		
praatmarRaak - conversatiecursus	19	28	7	10	9
priveekursus Frysk	6	11			
spoedcursus - Fries verstaan, lezen en/of spreken	19	14	5	20	16
kursus op maat trainingsdei	nft	10			
kursus op maat ferstean, lêzen, praten, skriuwen	9	9			
basiskursus <i>Fries verstaan en lezen</i>					
ferfolchkursus <i>Fries spreken</i>				5	
yntinsive kursus <i>Fries verstaan, lezen en spreken</i>					
basiskursus <i>Frysk op it wurk</i>				8	20
subtotaal 1.1	433	386	353	306	264
1.2 Frysktaligen					
skriuwmarFrysk - module 1	160	134	153	105	114
skriuwmarFrysk - module 2	50	79	63	70	86
skriuwmarFrysk - module 3			5	22	
Frysk & Fryslân - module 1	22	14			
Frysk & Fryslân - module 2	8	5	15		
kursus op maat Frysk & Fryslân - module 3	nft	8			
kursus op maat Frysk yn it offisjele ferkear	11				
kursus op maat Frysk skriuwen (Provinsjehûs, sfbo)	9				
workshop Frysk Skriuwen	73	57	5		
opfryskkursus	7	37	79	27	
literatuer	11	10	17	18	18
skiednis/literatuer	12	13	16	15	12
akte&didaktyk oplieding foech Frysk	10	10	6	4	
skriuwkursus pedagogysk meiwurkers foarskoalsk (SFBO)	9	15	21	38	11
leargong A					
leargong A+					
leargong B					9
leargong C				5	3
didaktyk en eardere Afûk-akte				4	3
skriuwkursus redaksjeleden doarpskranten			24		
skriuwkursus maile en sms'e yn it Frysk					
pilot SkriuwmarFrysk - module 2					
sjoernalistyk skriuwen				4	

subtotaal 1.2	382	382	404	308	256
subtotaal 1	815	768	757	614	520
tal kursisten (ferfolch)	2018	2017	2016	2015	2014
2. Kursussen Selsstúdzje					
learmarFrysk - module 1 verstaan en lezen	69	57	52		
learmarFrysk - module 2	7	16	5		
skriuwmarFrysk - module 1 skriuwen	36	39	38	21	19
skriuwmarFrysk - module 2	7	7	7	13	5
basiskursus <i>Fries verstaan en lezen</i>				7	10
leargong A					
leargong B					5
leargong C			1		2
Frysk & Fryslân – 1 selsstúdzje yn ûntwikkeling (2018)					
Frysk & Fryslân – 2 selsstúdzje yn ûntwikkeling (2018)					
2.1. eduFrysk – online zelfstudie Fries					
jierabonnemint digitale learplatform eduFrysk (NL en Frysk)	68	43	31	n.f.t.	n.f.t.
2.2. Taalreis troch Europa – online Frysk skriuwen					
jierabonnemint foar Fryske stavering en grammatika	2	3	45	92	
2.3 Oare talen en Frysk					
Ingelsk-Frysk ‘Learning Frisian’ 10 lessen	1				
Dútsk-Frysk ‘Friesischer Sprachkurs’ 10 lessen	9				
subtotaal 2	199	165	179	133	41
Frisian MOOC, Afûk & Fryske Akademy (4 lessen online)	398				
Totaal oantal kursisten yn 2018 (1 + 2 ynklusyf 3)	1014	933	936	747	561
Totaal, ynklusyf MOOC Frisian (4 online lessen)	1412				

tal kursisten (ferfolch)					
3. Bedriuwen, oerheden, organisaasjes en ferieningen	2018	2017	2016	2015	2014
Afûk bedriuwskursus foar Fryslân A-eksamen (4 lessen)	nft	11			
Arrondissementsparket Noord-Nederland			17		
CBS De Wizebeam, Minnertsgea workshops (3) stavering		7			
FNP-fraksje gemeente Tytsjerksteradiel	9				
Fryske Akademy		8	8		
Gemeente Achtkarspelen		15	3+6+8		10
Gemeente Dantumadiel	8+7+7+12		3	5	
Gemeente Dongeradiel	11	8	1+5+6		10
Gemeente De Fryske Marren	8		28+9+26+12		17
Gemeente Ferwerderadiel			2		
Gemeente Frjentsjerteradiel (Waadhoeke)	12				
Gemeente Kollumerlân (DDFK-gemeenten)		13		10	17
Gemeente Littenseradiel		19			
Gemeente Ljouwert				25	
Gemeente Opsterlân		2			
Gemeente Tytsjerksteradiel; sjoch by Achtkarspelen			3		
Gemeente Littenseradiel				10	
Gemeente Smellingerlân					
Gemeente Súdwest-Fryslân	10+6+7+2+8+23	18	10	23	22
Lân fan taal trainingsdei	nft	10			
Nederlands Letterenfonds			5		
Omrop Fryslân	3	1	8		
Politie Noord-Nederland					13
Provinsje Fryslân	9	36	12		24
Wetterskip Fryslân ferstean, praten en skriuwen	9+10+28				
Kursus op maat (bedriuwskursussen, û.o. bûten Fryslân)	13			59	11
<i>Underwiis</i>					
NHL Stenden Hogeschool skriuwen (pabû) mei eksamen	10 + 9	32			
SFBO skriuwen foar pedagogysk meiwurkers foarskoalsk en ynterne kursus op maat	9+12	15	21		
Universiteit van Amsterdam ferstean/lêzen/praten/skriuwen	9	9	7		
Workshop Frysk basisworkshop fû, Earste Chr. Lyceum Haarlem	80				
totaal 3	331	204	200	132	124
Opjeften foar eksamens: Fryslân A-eksamen en C-eksamen earder	58	62	63	99	87

2.1.4. Oersjoch eksamens

Fryslân-diploma's

De neifolgjende eksamens binne ôfnommen, mei dêrefter it tal slagge en tusken heakjes it tal sakke kandidaten:

	2014	2015	2016	2017	2018
NF	11 (5)	13 (0)	0 (0)	0 (0)	0 (0)
A / Frysk skriuwen	43 (11)	59 (20)	44 (15)	44 (10)	48 (7)
B	7 (0)	5 (0)	0 (0)	0 (0)	0 (0)
C	5 (0)	3 (2)	4 (1)	0 (0)	0 (0)
Frysk yn it offisjele ferkear	0 (0)	0 (0)	0 (0)	0 (0)	0 (0)
Akte	2 (0)	2 (0)	0 (0)	1 (0)	0 (0)
Didaktysk foech	(0)	0 (0)	0 (0)	3 (0)	0 (0)

	71 (16)	82 (22)	48 (16)	48 (10)	48 (7)

It tal A+ en NF 1-sertifikaten dat útrikt waard, wie:

	2014	2015	2016	2017	2018
NF 1	6	4	-	-	-
A+	-	-	-	-	-

Skoaleksamens primêr ûnderwiis

Hjirûnder de resultaten fan de lêste fiif jier:

	2014	2015	2016	2017	2018
skoallen	52	69	65	54	65
learlingen	1055	1304	1142	929	1207
A-diploma's	384	703	486	382	871
B-diploma's	554	564	494	420	349

2.2. De trochgeande learline

De Afûk hat tal fan aktiviteiten en produkten (mei) ûntwikkele foar de trochgeande learline Frysk yn in meartalige kontekst, dy't sawol in plak hawwe yn it reguliere ûnderwiis, de foarskoalske edukaasje as dêrbûten, te witten:

- Taalkado
- Tematydskriften heit&mem
- Tomke
- Foarskoalsk ûnderwiis
- Primêr ûnderwiis: Spoar 8
- Fuortset ûnderwiis: Searje 36
- Grip: Toetsing en evaluaasje Frysk

Hjirnei wurdt in oersjoch jûn fan hoe't dy in plak krigen hawwe yn de trochgeande learline.

2.2.1. Taalstimulearring yn de foarskoalske perioade

Doelen fan it produktplanTaalstimulearring yn de foarskoalske perioade binne:

1. Alle âlden en professionals yn Fryslân dy't te krijen hawwe mei bern yn de foarskoalske perioade (VVE = Voor- en Vroegschoolse Educatie) ynformearje oer meartalich grutbringen.
2. Professionals stimulearje om aktyf mei taalbelied dwaande te bliuwen.
3. Brûkber en oantreklik materiaal oanbiede om in goede taalomjouwing te stimulearjen, sawol thús as op pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen.

Gearwurkingspartners binnen de KAG-VVE binne:

Bibliotheekservice Fryslân, Cedin, Sintrum meartaligens, Sintrum Frysktalige Berne-opfang, GGD Fryslân, Partoer, ROC's Friese Poort en Friesland College, Tomke-wurkgroep.

Oare gearwurkingspartners binne:

Omrop Fryslân, projekten binnen de Afûk mei aktiviteiten op itselde mêd (*heit&mem*, Taalkado, GemeentenenFrysk, útjouwerij Afûk, winkel Afûk, PraatmarFrysk-kampanje, primêr ûnderwiis).

Utfiering aktiviteiten yn 2018

De aktiviteiten út it produktplan binne opdield yn trije ûnderdielen dy't oanslute op de earder neamde doelen:

1. Foarljochtings- en stypjende aktiviteiten/materialen op it mêd fan meartalich grutbringen;
2. Ynformaasje en edukatyf materiaal foar professionals (pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen);
3. (Multymedia)materiaal foar bern/opfieders/professionals.

Foarljochtings- en stypjende aktiviteiten/materialen op it mêd fan meartalich grutbringen

Taalkado

It Taalkado is in kadootsje fan de provinsje Fryslân foar nije âlden by de oanjefte fan in berte, en hat ta doel om harren te ynformearjen oer de foardielen fan it opgroeien yn in meartalige situaasje en om it brûken fan de Fryske taal yn it bysûnder te stimulearjen. Fanút it projekt Foarskoalsk wurdt foar it Taalkado de foarljochtingsfolder 'Talen kleuren je leven' fersoarge. Ek is der in yntinsive gearwurking mei it Stipepunt fan de Afûk oangeande de ynhâld en ûntwikkeling fan materialen, lykas cd's en boeken.

De projektliding en útfiering fan it ûnderdiel Taalkado wurdt dien fanút it Stipepunt fan de Afûk. Yn 2018 waarden wer 5.830 kado's fia de gemeenten ferspraat. Ek is der yn 2018 in nij Tomke-boekje makke – 'Dêr komt Tomke oan' – eksklusyf foar yn it Taalkado.

Folder: Talen kleuren je leven

Fersprieding fan dizze folder, mei ynformaasje oer meartalich grutbringen, fynt plak fia it Taalkado, mar ek fia foarljochting by sikehuzen, it SFBO en fia mailingen. De folder is opnij besjoen en yn 2018 op 'e nij drukt yn in oplaach fan 14.000 stiks.

Foarlêsgids en Fryske apps foar bern

Dizze gids foar âlden befettet ynformaasje en tips oer meartalichheid, taal- en lêsbefoarding. Foar de werkenberheid en in grut berik hat de folder de namme '*heit&mem* foarlêsgids' en slút er oan by dat projekt. Yn 2018 is de gids op 'e nij besjoen, begjin 2019 is der in nije oplaach (9.000 stiks) printe. De gids wurdt by ferskate gelegenheden presintearre en wurdt aktyf troch de bibleteken ferspraat. Ek is der in aparte flyer makke mei alle Fryske apps foar bern, dy is ek drukt yn in oplaach fan 9.000 stiks.

Konsultaasjeburo's

Sûnt 2015 wurdt der yn de gemeenten Súdwest-Fryslân en Littenseradiel op de konsultaasjeburo's omtinken jûn oan meartalich grutbringen. Dat bart yn it projekt 'Overdracht thuistaal', dat opset is mei help fan it Sintrum Frysktalige Berne-opfang (SFBO) en de Afûk. It projekt is yn 2017 evaluearre en der is besletten om it projekt, yn oanpaste foarm, te ferlingjen. De Fryske Marren hat it oanbod yn 2016 oernommen en mei ferskate oare gemeenten wurdt sjoen nei mooglikheden om it oanbod dêr ek yn te setten. De projektliding en útfiering fan it ûnderdiel konsultaasjeburo's wurdt dien fanút it SFBO yn gearwurking mei it projekt 'Frysk yn 'e soarch' fan de Afûk. Yn 2018 is der yn gearwurking mei GGD Fryslân in Tomke-poster makke mei koarte tips foar by it toskpoetsen. Dy poster is op alle konsultaasjeburo's yn Fryslân ferspraat.

Panel jonge âlden

Om âlden te stypjen by de (mear)talige ûntwikkeling fan harren bern is it wichtich om de goede ynformaasje te hawwen. De ynformaasjeoarsjenning oangeande meartalige opfieding is op dit stuit nammentlik foar in grut part basearre op ynternasjonale ûndersiken. Om te soargjen dat der (noch) mear relevante ynformaasje foarhannen is, organisearje wy yn 'e mande mei SFBO in *heit&mem*-panel. Alden helpe, fia in boartlik ûndersykje mei harren bern, mei oan noch mear gegevens oer de taalûntwikkeling yn in meartalige kontekst.

De projektliding en útfiering fan it ûnderdiel *heit&mem*-panel wurdt dien fanút it SFBO yn gearwurking mei it projekt Foarskoalsk fan de Afûk. Yn 2018 diene âlden fan goed 700 bern mei oan it panel. Sy beäntwurden in jierlikse fragelist en testen taalaktiviteiten út.

Heit&mem tydskrift en website

It tydskrift *heit&mem* is in fergees twatalich tydskrift foar âlden yn Fryslân mei bern fan 0 oant 12 jier. *Heit&mem* hat ta doel (oansteande) âlden bewust te meitsjen fan de meartalige omjouwing en de kânsen fan in meartalige ûntwikkeling, en harren te stimulearjen om bern meartalich grut te bringen, mear Frysk te lêzen én foar te lêzen. Dêrby wol it tydskrift de lêzers ynformaasje jaan oer tema's dy't te krijen hawwe mei it grutbringen fan bern.

It tydskrift *heit&mem* ferskynt twa kear jiers yn in oplaach fan 40.000 eksimplaren en wurdt op mear as 400 plakken yn Fryslân ferspraat, ûnder oaren by bibleteken, sikehuzen, basisskoallen en bernedeiferbliuwen. Dêrneist is der De Lytse *heit&mem*. Dy wurdt fergees ferspraat yn in oplaach fan 6000 eksimplaren fia it Taalkado.

Foarljochting wurdt ek jûn fia websites en social media. Sa is der de website fan *heit&mem*, in Facebook-, in Instagram- en in Pinterestpagina. In part fan dy communities wurdt fia de mailnetwurken ek fan in digitale nijsbrief foarsjoen. De projektlieding en útfiering fan it tydskrift *heit&mem* wurdt dien fanút de útjouwerij en it Stipepunt fan de Afûk. De koördinator fan it projekt Foarskoalsk is aktyf belutsen by it projekt heit&mem en tinkt mei, draacht ûnderwerpen oan op it mêd fan meartaligens en lê- en taalstimulearring en stimt ôf op ûntwikkelingen foar it Foarskoalsk.

Oare materiaalfoarsjenning en stimulearring foar opfieders

De ferskate materialen dy't makke wurde om opfieders te ynformearjen oer it meartalich grutbringen fan bern, wurde ferspraat fia ferskillende gelegenheden.

- Yn 2018 binne der sa'n 985 taskes mei ynformaasjemateriaal ynpakt en ferspraat op kreammerken yn sikehuzen.
- Yn it ramt fan Lân fan taal wiene der dit jier 15 saneamde 'Deropút mei heit&mem-dagen' yn de Taletún (de Prinsetún yn Ljouwert), dêr't âlden mei harren bern hinne koene. Der wie in ôfwikseljend programma fan taalaktiviteiten, lykas Tomke-poppekast, dûnsje mei Tomke, wurkwinkels, nifelwurkjes, spultsjes en noch folle mear. Fansels waarden de ynformaasjematerialen oer meartalich grutbringen dêr ek ferspraat.
- Yn Talepaviljoen MeM wiene de ynformaasjematerialen ek te krijen.
- Yn desimber 2018 is de earste foarlêsmoarn foar pjutten yn de Afûkwinkel organisearre. Der waarden ferskate Sinteklaasferhaaltsjes foarlêzen en Sinteklaasferskes songen, der wie gelegenheid om moaie nifelwurkjes te meitsjen en fansels kaam Sinteklaas sels ek op besite. Der wiene sa'n 30 bern mei âlden oanwêzich. Sy krigen allegear in taske mei ynformaasje- en promoasjemateriaal mei nei hûs.

Ynformaasjefoarsjenning en materialen foar professionals (pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen)

Doch mear mei Tomke

Yn 2016 hat de Afûk nij VVE-materiaal ûntwikkele mei as titel '*Doch mear mei Tomke*'. It materiaal jout suggestjes foar aktiviteiten oan liedsters, sadat sy op in ienfâldige wize mei de bern mei it Frysk oan 'e slach kinne. Handich dêrby is dat de tema's en aktiviteiten oanslute by de Nederlânske metoaden 'Uk en Puk' en 'Piramide'. Al pratende-, lêzende-, sjongende-, dûnsjende-, boartsjende- en nifeljendewei wurdt oan 'e hân fan tolve tema's de taalûntwikkeling fan bern stimulearre. Mar likegoed de emosjonele, sosjale en motoaryske ûntwikkeling. By alle tema's is in apart ûnderdiel opnommen foar poppen en krobben (bern fan 0-2 jier).

Yn 2018 is de map oanfolle mei in spesjaal Lân fan taal-katern, dat past by de aktiviteiten foar pjutten yn de Taletún fan Lân fan taal. It spesjale katern is tastjoerd oan alle professionals dy't al gebrûk meitsje fan de '*Doch mear mei Tomke*'-aktiviteitemap en oan de liedsters dy't mei harren groep pjutten in besite oan 'e Taletún taryede woene.

Untwikkeling digitaal platfoarm

It projekt ûnderwiis fan de Afûk hat foar it primêr ûnderwiis in digitaal platfoarm ûntwikkele. Fia dat digitale platfoarm kinne learkrêften harren edukative materialen lykas ferhaaltsjes, ferskes, mar ek lessuggestjes en praatplaten sammelje foar harren lesaانبod Frysk.

It besteande digitale platfoarm is yn 2018 oanpast oan it gebrûk foar professionals dy't wurkje mei pjutten. It resultaat is in saneamde 'Tomketeek', dêr't al it Fryske materiaal foar pjutten op sammele is. De Tomketeek sil hieltyd oanfolle wurde mei nij materiaal. De materialen (ferhaaltsjes, ferskes, filmkes, gedichtsjes, kleurplaten, nifelwurkjes, praatplaten, deiritmekaarten en gean sa mar troch) binne yndield op de tema's dy't de liedsters al kenne fan de '*Doch mear mei Tomke*-map'. Der kin mei in sykterm socht wurde nei spesifyk materiaal.

Liedsters kinne sels ek in samling meitsje fan ferskate lesmaterialen. De Tomketeek is mei in pilot úttest troch in tal liedsters en is begjin 2019 lansearre.

Frysk yn de beropstekst

ROC Friese Poort, Afûk, Cedin, Venturaplus en KERN ûntwikkelje mei-inoar in kardiël 'Frysk yn de beropstekst' foar learlingen OA en PW. De projektlieding en útfiering fan Frysk yn de beropstekst en ROC Friesland College wurdt dien fanút it projekt ûnderwiis fan de Afûk. De koördinator fan it projekt Foarskoalsk draacht op it mêd fan meartaligens en lê- en taalstimulearring Foarskoalsk ûnderwerpen oan, tinkt mei oer ûntwikkelingen en stimt ôf op oare ûntwikkelingen binnen it Foarskoalsk.

Tomke-nijsbrief

Elk jier hâlde wy professionals dy't wurkje mei pjutten op 'e hichte fan de aktiviteiten, nije materialen en oare saken oangeande Tomke en foarskoalske ûnderwerpen. De nijsbrief foar professionals ferskynde yn 2018 trije kear. Hy waard yn in oplaach fan 550 stiks ferstjoerd, nei alle bernsintra en de jeugdkonsulinten fan de biblioteken.

Oare materiaalfoarsjenning en stimulearring foar professionals

Om pedagogysk meiwurkers geregeld nije prikkels en stimulânsen te bieden, wurde der hieltyd nije materialen ûntwikkele en tastjoerd. De materialen slute oan by besteande aktiviteiten, sawol op Frysk as Nederlânsk mêd.

De bernsintra dy't meidogge oan de Fryske Foarlêswike hawwe yn oparbeidzjen mei it Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse yn 2018 wer in moaie úttearpster krigen dy't oanslút by it fergeze Tomke-temaboekje. Dêrneist hawwe se in ekstra lesbrief mei poster by it Tomke-temaboekje krigen. Yn 2018 is der wer in lesbrief makke by it boek 'In hûs foar Harry'. By de 'Nationale Voorleesdagen' fan 2019, dat alle jierren yn jannewaris plakfynt, stie it boek 'Een huis voor Harry' sintraal. Spesjaal foar dy gelegenheid is it printboek oersetten yn it Frysk en is der in moaie lesbrief makke mei suggestjes foar (taal)aktiviteiten om it printboek hinne.

Ek binne der in fiiftal lesbrieven ûntwikkele om it Tomke-tema fan 2019 hinne: 'de Sintugen'. Elke lesbrief bestiet út trije siden en befettet in moai ferhaal en ferskate (taal)aktiviteiten om ien fan de fiif sintugen hinne. Op de foarside is it ferhaal yn grutte ôfbyldingen te besjen, sadat liedsters fan bernsintra it ferhaal foarlêze kinne wylst de bern tagelyk de platen besjogge. De fiif lesbrieven sille yn 2019 troch it jier hinne ferspraat wurde ûnder professionals dy't mei pjutten wurkje.

(Multimedia)materiaal foar bern/opfieders/professionals

Tomke-website

De besteande Tomke-website hie sa'n 960 unike besikers yn 'e moanne en bestie út spultsjes, ferskes en ferhalen foar bern en ynformaasje foar âlden en professionals. De site wie sa'n fiif jier âld en sa stadichoan oan fernijing ta.

-Yn 2018 hat de ûntwikkeling fan in nije website fan Tomke plakfûn, tagelyk mei in nije Tomke-app en in spesjaal digitaal platfoarm foar professionals (de Tomketeek). De nije site, dy't in stik frisser, oansprekkender en oersichtliker wurden is, bestiet út trije ûnderdielen:

- 'Oer Tomke': mei ynformaasje oer Tomke en it Tomkeprojekt.

- 'Tomke foar thús': mei ynformaasje oer it meartalich grutbringen fan bern, en ferhaaltsjes, ferskes, filmkes, spultsjes en printmateriaal om thús te brûken.

- 'Tomke foar professionals': mei ynformaasje oer it materiaal foar bernsintra en in link nei de Tomketeek.

- De útstrieling en ynhâld fan de nije site wurdt geregeld oanpast oan tema's dy't passe by de tiid fan it jier en hat in streekjochte ferbining mei de nije Tomke-app. De nije site is begjin 2019 lansearre, tagelyk mei de nije app en de Tomketeek.

-Fierder wurde der fia de website digitale nijsbrieven mei nijs oer Tomke ferstjoerd nei sa'n 500 e-mailadressen. Fia de Tomke-Facebookpagina krije goed 2.700 minsken geregeld nije berjochten fan Tomke. De Pinterest-site fan Tomke hat 269 folgers.

Nije app (wiidweidige ferzje foar 0-6 jier)

De besteande Tomke-app is yn 2018 sa'n 615 kear download. De app bestie út 6 Tomke-boekjes op rym en 3 spultsjes.

Ut ûndersyk nei de winsken fan de brûkers fan de Tomke-app die bliken dat der ferlet wie fan in bredere app foar bern fan 2 o/m 6 jier âld. Fierder wie de winsk dat de ynhâld net allinnich online beskikber wie, mar ek download wurde koe, om de app sa sûnder Wifi-ferbining brûke te kinnen. Mei Omrop Fryslân soe ûndersocht wurde wat de mooglikheden wiene om besteande materialen lykas bernetelefyzjeútstjoeringen en Tomke-radio te brûken foar dy app. Yn de nije Tomke-app steane Tomke en syn freontsjes sintraal, mar binne ek oare materialen te finen dy't geskikt binne foar bern fan 2 o/m 6 jier âld. De telefyzjeútstjoeringen fan Tomke binne online te besjen, en Tomke-radio is online te beharkjen. De oare materialen (ferhaaltsjes, ferskes en spultsjes) kinne ek download wurde om offline te brûken. De app is geskikt foar Apple en Android, en wurket sawol op de tablet as op de telefoan.

Lân fan taal 0-6 jier

Yn 2018 wie Ljouwert Kulturele Haadstêd fan Europa. De Prinsetún fan Ljouwert wie dit jier 'de Taletún', dêr't allerhande taalaktiviteiten organisearre wurde foar bern fan 2 o/m 12 jier. Tomke hat in moai plakje yn it programma fan de Taletún.

- Spesjaal foar de Taletún is in nij temakatern ûntwikkele foar de 'Doch mear mei Tomke'-aktiviteitemap. Pjutte-opfanglokaasjes dy't mei harren pjutten nei de Taletún komme foar it edukative programma, hawwe it katern fergees tastjoerd krigen, lykas de hjoeddeistige brûkers fan de aktiviteitemap. Der hawwe sa'n 130 pjutten mei harren liedsters in besite brocht oan de Taletún, dêr't se in spesjaal edukatyf programma folge hawwe, mei Tomke as sintraal figuer.
- Yn it ramt fan Lân fan taal wiene der dit jier 15 saneamde 'Deropút mei heit&mem-dagen' yn de Taletún (de Prinsetún yn Ljouwert), dêr't âlden mei harren bern hinne koene. Der wie in ôfwikseljend programma fan taalaktiviteiten foar jonge bern, lykas Tomke-poppekast, dûnsje mei Tomke, wurkwinkels, nifelwurkjes, spultsjes en noch folle mear. De 'echte' Tomke wie der ek in oantal kearen en wie in grutte publykslûker. Yn totaal wie it oantal besikers fan de 'Deropút mei heit&mem-dagen' 16.900, it grutste part dêrfan wiene jonge bern mei harren âlden.
- By de foarstelling mei de Reuzen fan Royal de Luxe wie Tomke oanwêzich op it Aldehoustertsjerkhôf. Bern koene mei Tomke op 'e foto en dêr waard in soad gebrûk fan makke.

Oare Tomkematerialen

It oanbod oan Tomke-materialen foar bern, opfieders en professionals wurdt hieltyd oanfolle mei nije materialen lykas ferhaaltsjes, ferskes, gedichtsjes en promoasjemateriaal.

- Der is wer moai nij materiaal makke foar û.o. op 'e webside, foar yn de nijsbrieven en foar yn de Tomketeek.
- Yn 2018 binne Tomke-magneetsjes makke, Tomke-strânballen en Tomke-trompkes (bôletrompkes).
- Om't dêr in soad nei frege waard, is der yn 2018 ek in begjin makke mei it ûntwerp fan nije hânpoppen fan Kornelia, Yana Yu en Romke. In hânpop fan Tomke wie der al. Ek wurde der yn gearwurking mei de biblioteken yn Fryslân grutte poppen makke fan Tomke en syn freontsjes.

Aktiviteiten en materialen Tomke-projekt

Om in byld te jaan fan de gearhing fan de aktiviteiten fan it Tomke-projekt mei it ûnderdiel 'Taalstimulearring yn de foarskoalske perioade' jouwe wy hjirûnder in oersjoch fan de aktiviteiten fan it Tomke-projekt. De aktiviteiten dy't útfierd wurde yn it ramt fan 'Taalstimulearring yn de foarskoalske perioade' binne oanjûn mei in stjerke (*).

It tema foar 2018 wie 'Freonskip'. It tema sleat folslein oan op it tema fan de Taletún.

Lykas yn foargeande jierren binne der binnen it Tomke-projekt trije ynfalshoeken te ûnderskieden, nammentlik aktiviteiten foar en mei pjutten, ynformaasjefoarsjenning en materialen foar professionals en materiaal foar in meartalige omjouwing yn de foarskoalske perioade. In wiidweidich ferslach fan ûndersteande aktiviteiten is te besjen yn it jierferslach fan it Tomke-projekt op www.tomke.nl.

- *Aktiviteiten foar en mei pjutten*
 - De Fryske Foarlêswike*
 - Tomke yn de biblioteken
 - Nationale Voorleesdagen
 - Fairtradewike
 - Tomke-Toer: poppekast
 - Mei Tomke op de foto
 - Tomke op de telefyzje
 - Tomke-radio
 - Tomke-app*
 - Tomke-site*
- *Ynformaasjefoarsjenning en materialen foar professionals*
 - Doch mear mei Tomke-aktiviteitemap mei oanfoljende digitale materialen*
 - Tomke-nijsbrief*
 - Tomke-site*
 - Tomke-deskundigensbefoardering
- *Materialen foar in meartalige omjouwing yn de foarskoalske perioade*
 - Tomke-boekje 'Freontsjes foar Tomke'*
 - Tomke-boekje 'Tomke en syn freontsjes'*
 - Tomke-poster*
 - Undersyk nei it effekt fan Tomke
 - Tomke yn de Taletún*

2.2.2. Primêr ûnderwiis

Yn de ôfrûne jierren is wurke oan in digitale lesmetoade foar it primêr ûnderwiis: Spoar 8. De ûntwikkeling fan de digitale metoade is dien yn gearwurking mei ferskate partijen, lykas Cedin, de learare-opliedingen, taalkoördinatoaren, dosinten en skoalbestjoeren, yn de foarm fan wurkgroepen. De útkomsten út dy wurkgroepen hawwe de basis foarme foar de ûnderskate farianten sa't dy no brûkt wurde. De farianten mei-inoar foarmje de metoade Spoar 8. Sûnt it skoaljier 2016-2017 kinne skoallen Spoar 8 bestelle en is de metoade ek echt yn gebrûk nommen. De bestellingen komme by de Afûk yn en dy fersoarget ek in startworkshop foar alle skoallen dy't mei de metoade wurkje wolle. De skoallen witte dan hoe't de metoade opboud is en wurket en kinne goed fan start gean. Yn it earste jier hawwe sa'n 90 basisskoallen yn Fryslân mei Spoar 8 wurke. Yn 2017 brûkten sa'n 140 skoallen de metoade, en yn 2018 wiene der sa'n 145 skoallen (en dêrmei 15.500 learlingen) mei in lisinsje foar Spoar 8.

Spoar 8 ûnderbou

Spoar 8 foar de ûnderbou is geskikt foar learlingen út groep 1, 2 (en 3). Dizze fariant wurket tematysk en slút oan by de oanpak en yndieling fan oare bekende ûnderboumetoaden. Yn de wurkgroepen waard dúdlik dat alle ûnderboudosinten foaral tematysk wurkje. Ek joegen se oan dat der foaral ferlet is fan in dúdlike metoade dy't in soad oersjoch biedt. Der is sa'n soad materiaal, mar net alle dosinten koene it foarhinne fine. Dat wiene foar de Afûk de twa útgongspunten foar Spoar 8 ûnderbou: alle materialen sammelje, digitalisearje en tematysk yndiele en derfoar soargje dat it te finen is. In learkrêft dy't siket nei in tema yn Spoar 8 kriget in hiel soad materialen, dy't op in oersichtlike manier presintearre wurde. Om ta in goeie tematyske yndieling te kommen is sjoen nei de opbou en oanpak fan oare (Nederlânske) beukermetoaden, sa as Schatkist en Kleuterplein. Der sitte yn totaal 48 tema's yn Spoar 8 foar de ûnderbou, ferdield oer fjouwer haadtema's: Ik en myn omjouwing, Seizoenen en natuer, Feest en fiering en Frije tiid en ferbylding.

De learkrêft siket sels in tema dêr't hy/sy mei wurkje wol. Faak bart dat op basis fan wat der spilet yn de klasse en hokker tema oft sintraal stiet, ek by oare fakken. Sa kin mei it Frysk sûnder problemen oansletten wurde by oare fakken en aktiviteiten dy't yn de ûnderbou oan bod komme. Yn Spoar 8 ûnderbou steane by elk tema in hiel soad materialen klear. Per tema kin it tal materialen ferskille (it iene tema is no ienkear grutter as it oare), mar elk tema hat deselde opbou mei itselde type materialen, yndield yn kategoryen. Dy kategoryen binne: Berneferskes, Ferhaaltsjes, Filmkes, Opsiferskes en gedichten, Praatplaten, Printeboeken en Wurdlisten. Binnen in tema kin de dosint sels syn/har les gearstalle mei materialen út de ferskillende kategoryen. Dy lesmaterialen wurde hieltyd oanfolle mei nije/oare input, troch it digitalisearjen fan bygelyks oare boekjes of cd's en it tafoegjen fan nije útstjoeringen fan *Skoad/TV*. Sa binne der it ôfrûne jier nije ferhaaltsjes, filmkes en wurdlisten mei audio en foto's tafoege.

Neist losse lesmaterialen stiet/steane der no by alle tema's (in) taalaktiviteit(en) yn it systeem. In taalaktiviteit is in oerkoepeljende aktiviteit, passend by it tema. De aktiviteit is keppele oan it referinsjeramt Frysk en wurket oan taaldoenen dy't de bern behannelje moatte/kinne. Losse lesmaterialen kinne yn tsjinst stean fan de taalaktiviteit.

De taalsuggestjes jouwe de learkrêft in soad stipe. Der wurdt in beskriuwing fan in taalaktiviteit jûn en dy wurdt ferbûn mei it referinsjeramt Frysk. Ek is opnommen wat de spesifike doelen binne en hoe't der differinsjearre wurde kin (b.g. tusken Frysktalige en net-Frysktalige bern). Behalve dat in dosint binnen in tema kieze kin foar in taalaktiviteit, kin der no ek út it referinsjeramt Frysk wei keazen wurde foar in taalaktiviteit. De dosint kiest dan net út in tema wei, mar út de doelen wei dêr't hy/sy oan wurkje wol.

Alle taalaktiviteiten binne optimalisearre en oersetten. Ek is der wurke oan de technyk, om dosinten makliker wurkje litte te kinnen mei it rRF; it is dúdliker oan watfoar doelen oft dosinten wurke hawwe, mar ek watfoar aktiviteiten oft der per doel beskikber binne. Der binne yn totaal sa'n 82 taalaktiviteiten beskikber foar de ûnderbou.

Neist boppesteande ûntwikkelingen is der in hiel nij type lesmateriaal ûntwikkele. In grutte winsk út 'e praktyk: in soad dosinten hiene ferlet fan ynteraktive sykplaten. Ynteraktive sykplaten binne grutte tekeningen dy't op it digiboerd toand wurde kinne.

Mei dy sykplaten kinne learlingen wurkje oan harren Fryske wurdskat. De platen binne ynteraktyf trochdat se opdracht jouwe om in wurd (objekt) op de plaat te sykjen en oan te klikken. Yn de sykplaat sit feedback ferwurke. Docht in learling it goed, dan kriget hy/sy positive feedback. As in learling it ferkearde objekt oanklikt of te lang wachtet, kriget dy in hint (omskriuwing) om him/har te helpen it goede wurd te finen. Dêrneist binne der ek oare effekten oan de plaat tafoege. Sa binne der per plaat in tal animaasjes opnaam, dy't starte mei bewegen as it goede wurd fûn is, en sitte der ek lûdseffekten ferwurke yn de plaat.

De haadpersoan yn dy ynteraktive sykplaten is Keimpe de Krokodil. Keimpe jout de learlingen de opdrachten en feedback. De ynteraktive sykplaten wurde foarmjûn op basis fan besteande wurdlisten út Spoar 8. In seleksje fan de wurden út de listen per tema komme werom op de sykplaat. Aart Cornelissen is de yllustrator fan de ynteraktive sykplaten, ynklusyf animaasjes en Keimpe.

Yn totaal sille der 32 ynteraktive sykplaten ûntwikkele wurde, passend by de ferskillende tema's fan Spoar 8.

Spoar 8 foar groep 3 en 4

Ut de praktyk docht bliken dat yn de groepen 3 en 4 ferlet is fan in aparte metoadefariant dy't rjocht docht oan it nivo fan de learlingen út dy groepen. Net allinnich moatte de lesmaterialen (teksten, filmkes, ferskes) geskikt wêze, ek begjinne de bern fan groep 3 mei lêzen. Skoallen dy't mei Frysk lêzen begjinne wolle, hawwe learmiddels en learlinen nedich dy't ôfstimd binne op de situaasje fan de skoallen.

Wy hawwe wurke oan in hiel nije metoadefariant fan Spoar 8 foar groep 3-4. De ôfrûne oardel jier hawwe der in fiiftal gearkomsten west mei in wurkgroep, wêryn't de basis foar de metoadefariant lein is. De wurkgroep bestie út materiaalûntwikkelders, taaleksperts, ûnderwiisbegelieders, mar ek dosinten út de neamde groepen. Yn dy gearkomsten is û.o. fêstlein hoe't de metoade opboud wurde kin, watfoar tema's der oan bar komme moatte, hoe't de bern Frysk lêzen leare kinne, ensfh.

Yn 'e mande mei de wurkgroep is konkludearre dat de opbou fan de ûnderboufariant fan Spoar 8 ek geskikt wêze soe foar groep 3-4. Spoar 8 foar groep 3-4 wurket tematysk. Alle materialen dy't geskikt binne foar de doelgroep binne sammele, digitalisearre en tematysk yndield, sadat in dosint se goed fine kin. In learkrêft dy't siket binnen in tema yn Spoar 8 kriget in hiel soad materialen, dy't op in oersichtlike manier presintearre wurde.

Yn fergeliking mei de ûnderboufariant binne der hiel nije tema's ûntwikkele (acht, en allegear yn fraachfoarm). Dy binne ta stân kaam troch te sjen nei oare taal- en lêsmetoaden yn de oanbelangjende groepen, lykas Veilig leren lezen, sadat dêr maklik by oansletten wurde kin. Ek is de yndieling yn kategoryen krekt wat oars. Sa binne der bygelyks ferhaaltsjes om foar te lêzen en ferhaaltsjes om sels te lêzen. Ek die bliken dat der fanút de praktyk in soad ferlet wie fan 'wurkopdrachten', los fan de taalaktiviteiten. Dêrom is de kategory spultsjes taheakke. Dêrûnder stean lesmaterialen lykas memory, typfleantúchje en wurdseker, sadat learlingen dêrmei ek aktyf oan 'e slach kinne. By alle acht tema's steane fjouwer spultsjes klear, mei ynhâld passend by it tema. Foar alle acht tema's binne nije logo's ûntwikkele troch Aart Cornelissen, dy't ek de sykplaten en de Lêslinje yllustrearret. Dêrtroch ûntstiet in soad gearhing binnen dizze metoadefariant. De sykplaten, lykas earder beskreaun, sille ek keppele wurde oan de tema's foar groep 3-4.

Foar Spoar 8 foar groep 3-4 wurde nije taalaktiviteiten ûntwikkele. Aktiviteiten dy't passe by de doelgroep en by de nije tema's, en dy't oanslute by de doelen út it rRF.

It doel is om foar alle acht tema's fjouwer taalaktiviteiten te meitsjen, dus 32 yn totaal. Dêrby sil rekken holden wurde mei in goede ferdieling tusken de ferskillende taaldomeinen fan it rRF. Oan de taalaktiviteiten wurde geskikte lesmaterialen keppele, en yn guon gefallen wurdt der gebrûk makke fan oanfoljend materiaal lykas spulkaartsjes, formats, audio of wurkblêden. De taalaktiviteiten binne foar dosinten maklik te finen by de tema's. En ek by dizze metoadefariant kinne de aktiviteiten keazen wurde op basis fan doel, fanút it digitale rRF.

Foar de metoadefariant Spoar 8 – Groep 3/4 is it ûnderdiel Lêslinje ûntwikkele. Yn groep 3/4 begjinne learlingen mei lêzen (ek yn it Nederlânsk). Dosinten misten lesmateriaal om it Frysk lêzen ûnder de knibbel te krijen. It wie bygelyks foar learlingen út groep 5 somtiden in hiele stap om de teksten út Spoar 8 lêze te kinnen. Om ek yn it Frysk oandacht te besteegjen oan it begjinnend lêzen, moast der nij materiaal ûntwikkele wurde. Om ta in ferantwurde Lêslinje te kommen, is der in soad tiid bestege oan foarûndersyk en diskusje yn de wurkgroep.

Anita Oosterloo hat, yn opdracht fan ús, ûndersyk dien nei taalûnderwiis yn in meartalige kontekst, rjochte op begjinnend lêzen.

De measte bern leare yn groep 3 it lêzen. Skoallen kinne foar it oanlearen fan de elemintêre lêshanneling kieze út materiaal fan in ferskaat oan oanbieders. It lesmateriaal is basearre op teoryen en metoaden dy't yn 'e rin fan 'e jierren ûntwikkele binne oangeande it begjinnend lêsproes.

Rûchwei kinne wy sizze dat der twa utersten binne: lêzen leare op basis fan sinnen of wurden (de globaalmetoade) en lêzen leare op basis fan lûden en bylûden (de klanksynteze-metoade).

By it lêzen learen op basis fan wurden of sinnen – de globaalmetoade – stiet altyd de betsjutting fan dat wat lêzen wurdt sintraal. De technyske lêsfeardigens wurdt sjoen as in aspekt fan de begripende lêsfeardigens. By it lêzen learen op basis fan lûden en bylûden – de klanksynteze-metoade – leare de bern earst de ferskillende dielfeardichheden fan it lêzen. De technyske lêsfeardigens wurdt sjoen as in betingst foar de begripende lêsfeardigens. Dy twa opfettingen binne de twa utersten op in skaal. De measte metoaden dy't it technysk lêzen oanleare, meitsje gebrûk fan ideeën fan sawol globaalmetoade as klanksynteze-metoade.

De Lêslinie fan Spoar 8 is in metoade om mei it Frysk technysk lêzen oan 'e slach te gean. Dêrby wurdt derfan útgien dat de learlingen al in begjin makke hawwe mei it technysk lêzen yn it Nederlânsk, sadat de elemintêre lêshanneling al by de learlingen bekend is. De Lêslinie fan Spoar 8 leit de klam op wat de bern al kenne fan it Nederlânsk en biedt fan dêrút de ekstra lûden en letters oan dy't it Frysk ryk is. De learlingen leare de Fryske lûden en letters mei de help fan seis bern en twa bisten dy't yn alle lessen weromkomme. Yn de kontekst fan wat dy bern en bisten meimeitsje, komme de learlingen yn 'e kunde mei de spesifyk Fryske lûden en letters en oefenje se it Frysk lêzen.

De digitale omjouwing jout de mooglikheid om mei it digiboerd te wurkjen en de learlingen yndividueel oefenje te litten achter in eigen skerm. By de opdrachten wurdt fisuele en auditive stipe bean foar learkrêft en learling. De fisuele stipe is wer fan 'e hân fan Aart Cornelissen.

Ek Keimpe de Krokodil komt werom; hy jout de bern ynstruksje binnen de Lêslinie. Dêr is foar keazen om ferbining te kreëarjen mei de sykplaten en ien werkenbere 'styl' te brûken, dat soarget foar gearhing binnen Spoar 8.

De pilot fan dizze metoadefariant hat plakfûn yn de moannen oktober-maart. Yn de tuskenlizzende perioade hawwe njoggen skoallen (en dêrmei fjirtjin dosinten) it nije lesmateriaal foar ús test. Dy skoallen hiene as earsten tagong ta it materiaal (dat foar oare skoallen noch net te brûken is) yn ruil foar in oantal feedbackmominten. Neist persoanlike stipe en in lesobservaasje krigen alle dosinten in pilotmap, mei dêryn ferskate feedbackformulieren; û.o. oer de tematyske lessen, de Taalaktiviteiten, de Lêslinie, de Evaluaasjeles en de Ynteraktive sykplaten. Boppedat sieten der yn de map in tal handige hantliedingen en wie der romte foar algemiene feedback. De útkomsten wurde brûkt as input foar de ferbettering fan de metoade foar de groepen 3 en 4. Yn de kommende perioade sille we de metoadefariant oanpasse/oanfolje. Fan skoaljier 2019-2020 ôf wurdt dizze metoadefariant yntegraal ûnderdiel fan Spoar 8.

Spoar 8 midden- en boppebou

Spoar 8 foar de midden- en boppebou is geskikt foar learlingen út groep 5 o/m 8 (ek te brûken foar learlingen út groep 4). Dizze fariant is opboud út ferskillende tema's. Elk learjier befettet acht tema's en elk tema bestiet út fjouwer lessen. Sa stiet der foar elke groep in jierprogramma fan 32 lessen klear. Der binne twa mooglikheden om te differinsjearjen.

Elk tema bestiet út fjouwer lessen mei in fêste opbou. Les 1 is de yntroduksjeles, les 2 en 3 binne de selsstannige wurklessen en les 4 is de les dy't yn it teken stiet fan de einopdracht.

De nije einopdrachten foar de midden- en boppebou binne in wichtige tafoeging foar Spoar 8. Oan elk tema (dus per fjouwer lessen) binne twa einopdrachten tafoege, wêryn't op in betsjuttingsfolle wize oan de Fryske taal wurke wurdt: de Tramopdracht en de Treinopdracht. Fanút betsjuttingsfolle tema's leare oer de wrâld om ús hinne en tagelyk Fryske mûnlinge en skriftlike taalfeardichheden ûntwikkelje is dêrom it útgongspunt yn de Lessesearjes. De situaasjes wêryn't de Fryske taal dan brûkt wurdt neame wy 'funksjonele taalsituaasjes'. Yn de einopdrachten sil der altyd wurke wurde oan meardere taaldomeinen tagelyk. Natuerlike differinsjaasje soarget der dan foar dat learlingen altyd meidwaan kinne op harren eigen nivo en inoar útdaagje om de Fryske taal hieltyd mear én better te brûken. In ûndersykjende en reflektearjende hâlding is dêrby wichtich.

De Tramopdracht is altyd wat ienfâldiger te organisearjen as de Treinopdracht. De Treinopdracht freget dêrmei wat mear tiid, mar is tagelyk ek hiel betsjuttingsfol, om't er mear nei bûten ta rjochte is. By elk tema steane beide opdrachten klear en de dosint kiest ien fan beiden, de Tramopdracht of de Treinopdracht. De einopdrachten binne keppele oan de taaldoenen fan it referinsjeramt Frysk. Oan de besteande acht sille noch in tal tema's tafoege wurde. Dy tema's krije deselde opbou as de oaren, nammentlik de hjirboppe beskreaune struktuer fan fjouwer lessen. De nije tema's sille û.o. wêze: Muzyk, ICT, It Hielal, Helpferliening en Fakânsje. Foar dy tema's sille nije Tram- en Treinopdrachten betocht wurde. Der is sjoen nei de hiaten yn it referinsjeramt Frysk: oan hokker doelen binne noch gjin einopdrachten keppele? Dy útwreiding fan de tema's betsjut in grutter oanbod foar de skoallen. En dus mear kar, passend by elk taalprofyl.

Meunstertún

De ûnderdielen stavering, wurdskat en grammatika wurde oanbean fia de game *Meunstertún*. *Meunstertún* is in saneamde 'serious game', wêryn't de bern de meunsters yn harren Meunstertún fersoargje moatte. Om de meunsters tefreden te hâlden moatte se opdrachten útfiere. Dy opdrachten hawwe te krijen mei de wurdskat en de stavering fan it Frysk. Elke learling hat in eigen Meunstertún en spilet dus selsstannich en op syn of har eigen nivo. *Meunstertún* makket gebrûk fan adaptive learlinen. Dat hâldt yn dat it programma byhâldt hoe't de learling de opdracht útfiert. In learling dy't langer wurk hat mei in bepaalde oefening of mear muoite hat, krijt mear oefeningen om oan de regel dy't yn dy oefening oan 'e oarder komt te wurkjen. In learling dy't maklik troch de oefeningen hinne giet, streamt earder troch nei it folgjende ûnderdiel fan de learline. *Meunstertún* moat op in kompjûter, laptop of tablet spile wurde en hat in fêst plak yn elk tema fan Spoar 8. Der is wurke oan in nije opset fan de game. Earder koene bern sels kieze oft se wurkje woene oan stavering of wurdskat of grammatika. Yn de praktyk die bliken dat learlingen faak foar deselde ûnderdielen keazen en dêrtroch net oan de oare domeinen wurken. De nije opset hâldt yn dat yn ien nivo sawol wurdskat- as staverings- en grammatika-opdrachten foarkomme. De bern wurkje noch altyd adaptyf, mar no op ferskillende domeinen tagelyk. Dêrneist is der remediearjend materiaal ûntwikkele. Dat is oefenmateriaal foar de learlingen. Dosinten kinne de resultaten fan de Meunstertún op harren kompjûter besjen. As (guon) learlingen muoite mei in taalregel hawwe, dan kin de dosint it bypassende remediearjende materiaal klearsette foar de learlingen of klassikaal behannelje. Fanôf 2018 is it remediearjende materiaal ek te brûken as oefenmateriaal foarôf. In soad dosinten kieze derfoar om de stavering earst klassikaal oan te lere mei it oefenmateriaal per staveringsregel, wêrnei't de learlingen mei de Meunstertún oan 'e slach gean. Boppedat is der wurke oan in map mei oefen-/remediearjend materiaal foar de grammatika, dy't op deselde wize ynset wurde sil. Ek is de boltsjetabel mei de resultaten op de Meunstertún ynsichtliker makke foar dosinten. Om't de game adaptyf is, spylje alle learlingen op harren eigen nivo. Mei dizze resultatetabel kin in dosint sjen hoe fier't de learlingen binne en hoe't se de ferskillende ûnderdielen makke hawwe.

Spoar 8 Temateek

Foar twa- en trijetalige skoallen en foar skoallen dy't op in oare manier oan de Fryske taal wurkje wolle, komt der foar de groepen 5 o/m 8 in ekstra fariant fan de digitale metoade Spoar 8: de Temateek wrâldfariant. De dosint kin yn dy temateek oanslute op wrâldoriïntasjetema's troch gebrûk te meitsjen fan digitale teksten, filmkes en presintaasjes. De lesmaterialen sille yndield wurde op saakfaktema's binnen de haadtema's Skiednis, Ierdrykskunde, Natuer en technyk, Religy, Keunst en literatuer en Sport. Neist de losse lesmaterialen sil der by dizze fariant ek omtinken wêze foar taalaktiviteiten (lykas by de ûnderbou). Yn de foarm fan taalaktiviteiten wurde alle gearre ideeën jûn om mei de bern oan it Frysk te wurkjen, yn kombinaasje mei oare (saak)fakken. Dy aktiviteiten binne keppele oan de taaldoenen fan it referinsjeramt Frysk. Ek biedt dizze fariant in soad mooglikheden om kulturele projekten en útstapkes yn de provinsje te

keppeljen oan it lesmateriaal. De oanpak by dizze fariant is yn de taaldidaktyk noch in hiele nije wize fan wurkjen. Der is noch net in soad bekend oer sa'n oanpak en der binne noch mar in pear praktykfoarbylden te finen. Foar in lytse taal as it Frysk en dan ek noch foar de meartalige kontekst dêr't wy yn sitte, is dat in moaie útdaging.

2.2.3. Fuortset ûnderwiis

Searje 36 hat oant no ta foar klasse 1 west; sawol it vmbo as de havo/vwo hawwe in eigen ferzje fan it pakket, dat bestiet út 36 lessen yn seis tema's. De takomst fan Searje 36 leit yn it ferfolch dêrop. Hieltyd mear skoallen biede Frysk as fak oan yn klasse 2 en fierder, bygelyks omdat sy harren delsette wolle as MFÛ-skoalle.

Klasse 2

Foar alle klassen 2 fan it fuortset ûnderwiis is it pakket Searje 36 – Klasse 2 makke. Dêrfoar is in foarm fan ûnderwiis oannaam dy't ferskilt fan de oanpak foar klasse 1. It karakter fan de learmiddels en de didaktyse oanpak is oanpast, omdat de doelgroep oars is. Ek wurdt der stribbe nei in manier fan lesjaan dy't minder útgiet fan klassifikaasje, en mear fan subjektifikaasje en sosjalisasje.

Oan 'e hân fan gaadlike projekten, wêrby't de learling foaral de kunde fan de Fryske Taal en Kultuer tapast yn stee fan opdocht, kin der wurke wurde oan 21st-century-skills, benammen troch gearwurkjen en it ûntwikkeljen fan ûndersyksfeardichheden.

De namme Searje 36 is oanhouden om de werkenberens dêrfan by de dosinten. Sa stiet Searje 36 net allinnich foar de lesserige fan klasse 1, mar ek foar de hiele digitale lesomjouwing foar it FÛ.

Yn klasse 2 wurdt projektmjittich wurke en bestiet it ûnderskied 'Doch!' en 'Lear!':

Doch! stiet foar in fiiftal projekten wêrby't, lykas earder sein, de learlingen gearwurkje oan produkten dêr't de Fryske Taal en Kultuer in wichtige rol yn hawwe.

- LinKk! Magazine meitsje

De learlingen wurkje mei-inoar gear as klasse, as de redaksje fan in Frysk tydskrift foar de jongerein. Op in redaksjegearkomste wurdt oerlis holden en materiaal oandroegen. De klasse is dêrneist ûnderferdielt yn groepkes dy't allegear harren eigen segmint fan it tydskrift fersoargje. Oan 'e ein fan it projekt wurdt it tydskrift oplevere.

- Sjongtekst en Platehoes

Muzyk is in universele taal. De learlingen dogge ûndersyk nei muzyk en sjongteksten yn it Frysk. Troch aktyf mei teksten oan 'e slach te gean, wurkje de learlingen ta nei harren eigen sjongtekst. In eventuele gearwurking mei it fak Muzyk soe helpe kinne, yn alle gefallen wannear't de skreaune tekst fan in melody foarsjoen wurde moat.

De fisuele stipe is yn 'e foarm fan in platehoes. De learling jout byld oan de sjongtekst, it einprodukt is dan in kombinaasje fan 'artwork' en de tekst.

- De Lêsklup (kar út twa boeken fan LêsNo)

Oan 'e hân fan ien fan de boeken út it LêsNo-projekt út foargeande jierren giet de klasse yn groepkes oan 'e slach mei lêsfeardigens. It boek wurdt lêzen, dêr't dat nedich is mei stipe fan in audioboek. De groepkes komme trije kear ûnder it lêzen byelkoar om, oan 'e hân fan dúdlike opdrachten, te bepraten wat der lêzen is. Dêrneist makket elke learling in persoanlike ferwurking fan it boek (meardere opsjes wurde oanjûn) en makket it hiele groepke ien einferwurking. De twa boeken dêr't op it stuit út keazen wurde kin, binne *De deikoersen fan Remco* en *Wês net bang (mar wol foarsichtich)*.

- Royal Friesian: de eksposysje

Yn de skoaljierren 2016/2017 en 2017/2018 hat LinKk! Magazine de rubryk Royal Friesian hân. In ferneamde Fries wie it ûnderwerp fan in artikel, in poster en bybehearrende opdrachten. Yn totaal hawwe der tolve Royal Friesians west. Dit projekt is opset om mear te dwaan mei dy tolve Friezen.

Ek wurdt it LêsNo-boekje *Nei de Top* ynsetten, dêr't seis ferhalen oer ferneamde Friezen yn te finen binne.

Der wurdt ûndersyk dien, dat presintearre wurdt oan 'e klasse. Dan wurdt der in keunstwurk makke, ynspirearre troch de Royal Friesian. Alle keunstwurken wurde dan ûnderdiel fan in eksposysje dy't op skoalle of earne oars écht holden wurdt. Dêrfoar is in stappeplan opset, dat de paadwizer fan it projekt foarmet.

- Taal fan myn Hert (taalsosjology)

Oan 'e hân fan it boekje 'Taal fan it Hert', dat yn fjouwer talen útbrocht is en wêryn't behannele wurdt wat it Frysk no krekt sa bysûnder makket, is der in projekt opsetten om de Taalsosjology hinne.

Yn sân stappen sjocht, lêst en heart de learling oer de skiednis fan de taal en de hjoeddeistige situaasje fan it Frysk yn Nederlân, en is hy of sy dwaande mei de eigen taal en de rol dêrfan yn 'e wrâld.

Oan 'e ein fan it projekt wurdt der, troch de hiele klasse, in Taaldokumintêre makke. Dêryn komme alle sân ûnderdielen werom, útwurke troch de groepkes learlingen dy't foarme binne. It moaie oan dy doku is dat er gean sil oer de eigen situaasje en lokaasje.

De haadstikjes fan 'Taal fan myn Hert' sille iepene wurde troch in ôflevering fan de nije animaasjesearje mei deselde namme.

Lear! is de fuortsetting fan de learline taalfeardigens dy't yn klasse 1 ferweefd sit yn de 36 lessen.

Lear! biedt yn fjouwer blokken útlis en oefeningen op it mêd fan grammatika en stavering. Alle blokken besteane út seis leskes én in tuskontoets.

- Blok 1: werhelling en ferdjipping op in tal ûnderdielen út klasse 1
- Blok 2: nije staveringssaken
- Blok 3: nije tiidwurdeteory
- Blok 4: nije grammatikaregels

Klasse 3 (en 4 vmbo)

Foar de learlingen fan it vmbo is it ferfolch **Searje 36 – klasse 3/4 vmbo**. It pakket rjochtet him op de einfaze fan de skoaltiid en wurket ta nei it eineksamen Frysk yn klasse 4. It sil oardel jier brûkt wurde kinne om te wurkjen oan lêsfeardigens, skriuwfeardigens, sprekfeardigens, fiksje, hark- en sjochfeardigens (mei nije projekten ûnder **Doch!**) en taalbasisfeardichheden (ûnder **Lear!**).

Foar de learlingen **havo/vwo 3** jildt dat de nije projekten yn klasse 3 yn te setten binne. Ek dy klassen wurkje dan oan lêsfeardigens, skriuwfeardigens, sprekfeardigens, fiksje, hark- en sjochfeardigens (ûnder **Doch!**) en taalbasisfeardichheden (ûnder **Lear!**).

Dit pakket hat de namme **Searje 36 – klasse 3 h/v**.

Yn beide gefallen: omdat it foarkomme kin dat in learling it fak Frysk yn klasse 2 oerslacht, mar it wer kieze kin yn klasse 3, is it wichtich de oansluting op klasse 1 mooglik te meitsjen. Sa binne de projekten fan **Doch!** klasse 2 op 'e nij beskikber (njonken nije projekten foar klasse 3, fansels) en giet **Lear!** fan start mei in ynstaptoets om it nivo te bepalen.

Taalskets

Yn neifolging fan de filmkes mei Professor Henk, dêr't ferskate staveringssregels yn taljochte waarden, is der yn 2018 in start makke mei de produksje fan in searje nije animaasjefilmkes oer datselde ûnderwerp. Yn **Taalskets!** sjochst as learling (studint, kursist, leafhawwer fan it Frysk) hoe'tsto in staveringssregel brûkst.

De filmkes binne aardich om nei te sjen, dúdlik ynspurtsen en foarsjoen fan goede foarbylden. Njonken de filmkes binne der posters beskikber, om fan alle filmkes wat sjen litte te kinnen yn it klasselokaal. Op it stuit binne der fiif filmkes makke en sille der noch tsien by komme. Se binne, njonken Searje 36, te finen op YouTube. Sykje op "Taalskets".

Twastriid

Foarhinne wie Taalreis troch Europa in manier foar de learling om selsstannich te wurkjen oan de taalfeardigens. Omdat dy foarm útdaging en beleaning miste, is der in nije game ûntwikkele: Twastriid.

Dêrfoar is de ynhâld fan Taalreis troch Europa hielendal op 'e nij yndield neffens in gaadlike folchoarder. Oan 'e hân dêrfan is in nij ramt opset, wêrby't de Fryske stavering ferdield is yn 16 ûnderdielen, dy't de basis foarmje foar de nije game.

Twastriid spilet as in echte game. De learling spilet tsjin oaren en wurket oan de ûntwikkeling fan syn eigen stikje Fryslân, yn it jier 3018. De kombinaasje fan sels fierder komme en better wurde mei it kompetitive aspekt makket de game útdaagjend foar de learling.

In wichtich part fan it spultsje is it fertsjinjen fan jild. Dat bart oan 'e hân fan it dwaan fan oefeningen op it mêd fan de stavering. Likernôch de hiele game is, fansels, yn it Frysk. De oefeningen komme, lykas sein, út de grutte skat oan oefeningen yn Taalreis troch Europa.

De spiler sil alle kearen, ûnôfhinklik fan de tsjinstanners, oefeningen foar him krije dy't oanslute by syn/har nivo. Sa kin in learling dy't it foar it earst docht hiel goed tsjin in learling mei mear ûnderfining spylje.

De oefeningen om jild mei te fertsjinjen, sille altyd op it korrekte nivo wêze.

Om't de learling ynlogd is mei syn eduFrysk-account kin de dosint de learling folgje yn de ûntwikkeling. Dêr't dat nedich is, kin remediearjend materiaal oanbean wurde. It folchysteem wurket fansels ek wannear't de learling in studint oan it mbû of kursist fan it folwoekseneprogramma is.

2.2.4. Middelber beropsûnderwiis

De Fryske taal hat by Fryske bedriuwen in dúdlike, ynformele posysje en der is ferlet fan persoanlik dat it Frysk goed ferstean en prate kin. Yn in soad gefallen is soks by de seleksje fan persoanlik in pree en by in lyts part fan de ûnderfrege bedriuwen is it sels in hurde funksje-eask. De provinsje en it middelber beropsûnderwiis hawwe as ambysje oanjûn dat de Fryske ROC's en AOC's wurkje oan taalbelied yn in op it berop ôfstimde kontekst op grûn fan de winsken fan it regionale bedriuwlibben. De trije ROC's fan Fryslân (Nordwin College, Friese Poort en Friesland College) hawwe yn gearwurking mei de Afûk en oare partners it kardiell 'Fries in de Beroepscontext' yn it libben roppen.

De gearwurking hat fertuten dien. Foar it middelber beropsûnderwiis is de ôfrûne jierren wurke oan in lessepakket dat foldocht oan de easken fan in kardiell mbû. 120 oeren les, 80 oeren oan staaazje-opdrachten en 40 oeren selsstúdzje, kompleet mei in eineksamen lêzen en harkjen. It lessepakket is yndield yn 10 tema's. De metoade is útwurke mei dosinten fan de ROC's. De dosinten fan it mbû hawwe soarge foar nijsgjirrige en útdaagjende opdrachten dy't oanslute by de beropskontekst. It kardiell is ek ienfâldich oan te passen oan in bepaalde oplieding en dosinten kinne it materiaal maklik passend meitsje en dingen tafoegje.

It digitale lespekjet 'Frysk yn dyn berop' is ûntwikkele en it kardiell wurdt by ferskillende opliedingen oanbean. Njonken in skoaleksamen, dat de domeinen Skriuwen, Praten en Yn Petear behannelet, dogge de studinten op it mêd fan Lêzen en Harkjen in eksamen dat by de Afûk wei komt.

Foar no is it kardiell noch beheind ta de sektor Soarch&Wolwêzen, yn de takomst wolle wy alle studinten dy mooglikheid biede kinne. Dat sil yn 2019 barre troch it ûntwikkeljen fan in basisline foar alle opliedingen, mei in sektorspesifyk diel om it kardiell oan te foljen. In wichtich oandiel dêryn leit by it Talesintrum fan it Friesland College, dêr't studinten fan alle sektoaren terjochte kinne om in kardiell Frysk te folgjen.

2.2.5. Evaluaasjesysteem Frysk *Grip*

Yn 2014 hat de provinsje Fryslân stipe tasein foar it ûntwikkeljen fan in breed evaluaasjesysteem Fryske taal. Dat evaluaasjesysteem, *Grip*, jout skoallen yn it primêr en fuortset ûnderwiis yn Fryslân sûnt it skoaljier 2016-2017 de mooglikheid om gebrûk te meitsjen fan ferskillende ynstruminten om de taalûntwikkeling fan harren learlingen te folgjen. Dit binne de ferskillende ûnderdielen fan *Grip*: De *Begripend lêzen*-toetsen mjitte by de learlingen it begripen fan Fryske teksten op harren eigen nivo. Der binne toetsen foar groep 5 p.û. oant en mei klasse 1 f.û. Alle jierren kin in toets ôfnommen wurde, wêrfan't de resultaten yn it folchsysteem fan *Grip* komme.

De toetsen wurde noarmearre ûnder learlingen yn Fryslân en jouwe ynsjoch oer wêr't de learling stiet op it mêd fan lêsbegryp. De toetsen binne digitaal en wurde automatysk troch de kompjûter neisjoen.

De saneamde *Frisiatoets* is in digitaal ôf te nimmen toets dy't de taalkennis fan it Frysk op it mêd fan idioom, syntaksis, morfology en semantyk mjit. De toets wurdt brûkt om it taalkennisnivo fan learlingen fêst te stellen en kin tapast wurde as ynstaptoets en as folchynstrumint.

Mei de *Observaasje ynstruminten* kin de ûntwikkeling fan de mûnlinge taalfeardichheid en skriuwfeardichheid fan learlingen folge wurde. Learkrêften kinne harren learlingen folgje op wei nei de 'folsleine' behearsking fan in sjenre yn in meartalige situaasje. Foar it p.û. giet it om ynstruminten foar sjenres lykas: in neifertelling, in oerlis-learpetear, in diskusje, in fraachpetear en in brief. Foar it f.û. giet it om sjenres lykas: in diskusje, in presintaasje, in mûnlinge redenaasje, in ferslach, in ynstruksje, in resinsje en in kranteberjocht.

De *Metoadebûne evaluaasjes* foar it p.û. en de ûnderbou fan it f.û. binne ûnderdiel fan de learlinen en materialen fan de metoaden Frysk, Spoar 8 en Searje 36. It binne benammen formative evaluaasjes dy't geskikt binne foar op ûntwikkeling rjochte wurkjen, wêrby't de útkomsten fan de evaluaasjes learlingen en dosinten stypje en stjoere yn harren lear- en ûnderwiisproses. Foar de midden- en boppebou fan it p.û. kinne learlingen nei in einopdracht harrensels bygelyks evaluatearje op it mêd fan skriuwfeardichheid en it hâlden fan in presintaasje. Yn it f.û. beoardielje learlingen harren eigen skriuwfeardichheid. Mear tradisjonele metoadetoetsen binne ûnderdiel fan it lessepakket Searje 36. De opdrachten binnen twa ynteraktive games (*Meunstertún* foar it p.û. en *Twastriid* foar it f.û.) funksjonearje ek fuortdaliks as evaluaasje ynstruminten. Ek de metoadebûne evaluaasjes binne in yntegraal ûnderdiel fan it learlingfolchsysteem, dat keppele wurdt oan de digitale learomjouwing en oan de metoaden.

Yn 2018 hat de Afûk him dwaande holden mei it ferbinen fan it lesmateriaal fan Spoar 8 mei it *referinsjeramt Frysk (rrF)*. Yn it *rrF* wurdt koart en bûnich beskreaun wat taallearders op de nivo's A1 oant en mei C1 kenne en kinne moatte wat de feardichheden Yn petear, Harkjen, Sprekken, Lêzen en Skriuwen oanbelanget. De ferbining mei it lesmateriaal fan Spoar 8 is yn it systeem ferwurke. Learkrêften kinne dêrtroch doelfêster wurkje oan harren doelen foar it Frysk. Ek is de resultatetabel foar de learkrêften ferbettere. Der is in opsje ûntwikkele dy't it mooglik makket om resultaten te filterjen. Dat jout in learkrêft in dúdliker byld fan de resultaten fan syn/har learlingen. Foar de *Meunstertún* is de rezultatepagina en it remediearjend staveringsmateriaal optimalisearre. De learkrêft hat no noch mear ynsjoch yn de resultaten fan de learlingen yn har eigen *Meunstertún*. Foar de groepen 3 en 4 fan it p.û. is nij lesmateriaal ûntwikkele, mei dêrby passende evaluaasje ynstruminten. De learkrêft kriget oan 'e hân fan dy evaluaasje ynstruminten ynsjoch yn de klank-tekenbehearsking fan de learlingen.

Teffens hat de Afûk dwaande west mei it lesmateriaal fan Searje 36 en de keppeling mei *Grip*. Foar de twadde klasse fan it f.û. is in keppeling makke tusken de projekten en de evaluaasje ynstruminten fan *Grip*. By de ferskate projekten is fêststeld oan hokker feardichheden oft wurke wurdt en op hokker nivo oft dat bart. Fan alle ûnderdielen yn in projekt is omskreaun ûnder hokker domein (*rrF*) oft de opdracht falt, op hokker nivo (*rrF*) oft dêroan wurke wurdt, hokker ik-kin-bewearing (*rrF*) oft behelle wurdt en hokker *Observaasje ynstrumint* oft gaadlik is by de beoardieling.

Foar *Twastriid* is in resultatepagina ûntwikkele. *Twastriid* lit learlingen wurkje oan 14 ûnderdielen fan de Fryske stavering. Dy ûnderdielen binne yndield yn 16 nivo's.

Om't *Twastriid* in adaptive taalgame is, wurket elke learling op syn/har eigen nivo. De dosint kin mei de resultatepagina sjen op hokker nivo oft learlingen wurkje yn *Twastriid* en hoe't de taalopdrachten makke wurde. Mochten learlingen muoite hawwe mei guon opdrachten, dan kin de dosint by dat ûnderdiel ekstra begelieding oanbiede.

3. TAALPROMOASJE

Doel: it ferbetterjen fan de maatskiplike posysje fan de Fryske taal yn wurd en skrift. It Frysk fierder ûntwikkelje troch de mooglikheden om yn de Fryske taal aktyf oan de mienskip mei te dwaan te fergrutsjen.

3.1. Stipepunt

It Stipepunt wie ynearsten noch in min of mear op himsels steand ûnderdiel fan de Afûk. Troch de jierren hinne binne de ferskillende organisaasjeûnderdielen hieltyd mear opinoar ôfstimd en is de Afûk as organisaasje yn syn gehiel mear it stipepunt foar de Fryske taal wurden. Dêrby binne de oarspronklike taken op it mêd fan de kursussen en de útjouwerij ek hieltyd mear yn dy fan it Stipepunt yntegrearre. Dat jildt bygelyks foar de bedriuwskursussen Frysk en it ûntwikkeljen en útjaan fan learmiddels foar it ûnderwiis. It Stipepunt hat troch de jierren hinne by tal fan gearwurkingsprojekten de rol fan koördinator krigen, lykas by Tomke, GemeentenenFrysk, Frysk yn 'e Soarch, Frysk yn it rjochtsferkear, *heit&mem*, Frysk yn 'e reklame, Frysk en toerisme, Frysk yn 'e musea, de Fryske Kanon en de algemiene promoasjekampanje PraatmarFrysk. Dy rol past by it Stipepunt en wurdt troch de gearwurkingspartners ek akseptearre. De Afûk as gehiel hat him dêrneffens ek fierder ûntwikkele ta in fleksibele projektorganisaasje dy't it provinsjale taalbelied útfiert, mar sels ek wach is op nije kânsen yn it fjild en dêr op in iepen en konstruktive wize mei de provinsje oer kommunisearret.

It Stipepunt kin it taalbelied fan (ûnderdielen fan) de oerheid en de rjochterlike macht op grûn fan de oanrekommandaasjes fan Dingtiid/Orgaan foar de Fryske taal útwurkje, sadanich dat ien en oar oan 'e iene kant mei de Wet gebrûk Fryske taal strykt en oan 'e oare kant mei it Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden, en ek sadanich dat it praktysk útfierber is. De oare aktiviteiten fan it Stipepunt, foarsafier't dy in relaasje hawwe mei de Wet gebrûk Fryske taal, wurde ek ôfstimd mei Dingtiid/Orgaan foar de Fryske taal en de taalskipper (provinsje Fryslân). De befiningen fan dat orgaan bepale (mei) de aktiviteiten fan it Stipepunt.

De aktiviteiten dy't wy yn 2018 nei oerheden ta ûndernommen hawwe, wurde beskreaun by GemeentenenFrysk. By Frysk yn 'e Soarch binne de aktiviteiten nei de soarchynstellingen ta beskreaun en by de PraatmarFrysk-kampanje dyselden nei it bedriuwslibben ta, mei dêrby de algemiene promoasjemiddels. Dêrnei folget in oersjoch fan it Frysk yn it rjochtsferkear.

3.2. GemeentenenFrysk

Mei GemeentenenFrysk wolle wy ynhâldlike stipe jaan oan it ûntwikkeljen en útfieren fan taalbelied en taalbeliedsplannen. Meastentiids dogge wy dat oan 'e hân fan it menusysteem, dat in goede ferlikingsbasis biedt foar oerlis mei gemeenten. Dêrby geane wy út fan de mienskip yn in meartalige omjouwing.

Wat ek in soad beweging meibringt, is de taalwet, dy't op 1 jannewaris 2014 yngien is. Wy wolle ús benammen dwaande hâlde mei de algemiene stipe oan gemeenten, mei spesifike stipe oangeande de weryndielingen, en in krêftige ympuls jaan oan it taalbelied yn Fryslân.

Wurksumheden:

byhâlden argyf gemeenten

ôfhanneljen telefoanyske en skriftlike fragen gemeenten

kontakten Provinsjehûs

wurkbesiten regelje en tariede

wurkbesiten bringe

*neisoarch wurkbesiten
beänderjen algemiene fragen oer provinsjaal en/of gemeentlik belied
organisearjen fan stúdzjegearkomsten
opsetten/inisjearjen/útfieren fan nije projekten*

Yn 2018 binne wurkbesiten ôflein en hat der op oare wizen (persoanlik, telefoanysk of fia e-mail) kontakt west mei de folgjende gemeenten: *Achtkarspelen, Waadhoeke, Dantumadiel, Dongeradiel, Eaststellingwerf, Ferwerderadiel, De Fryske Marren, Harns, It Hearrenfean, Kollumerlân, Ljouwert, Opsterlân, Smellingerlân, Súdwest-Fryslân en Tytsjerksteradiel.*

Struktureel kontakt mei gemeenten is fan belang om in aktueel byld te krijen fan de stân fan saken yn dy gemeenten. Troch sa'n aktueel byld kin der adekwaat reagearre wurde op saken dy't omtinken freegje. Dat kinne beliedsoanpassingen en útfieringssaken wêze, nije taalbeliedsnota's, mar it kin ek te krijen hawwe mei gruttere tema's, lykas hjirnei beskreaun wurdt.

Website

Op www.gemeentenenfrysk.nl stiet ynformaasje oangeande taalbelied foar gemeenten. De website is dûbeldtalich, sadat bestjoerders en amtners dy't it Frysk net goed yn 'e macht hawwe harren ek ferdjipje kinne yn de mooglikheden foar taalbelied yn harren gemeente. De site wurdt benammen brûkt by it skriuwen fan in nije taalnota. Yn 2018 is yn oerlis mei de oanbelangjende amtners fan gemeenten úteinset mei de tarieding fan in nije website, wêryn't útwikseling, ynspiraasje en praktyske ynformaasje sintraal stiet. Fansels bliuwt de Taalbeliedsmakker tagonklik op de nije website. De website moat ein 2019 klear wêze.

Twitter

Mei help fan Twitter kin GemeentenenFrysk minsken flot ynformearje oer nije produkten foar gemeenten op it mêd fan taalbelied, mar ek oer de nijste ûntwikkelingen by oare gemeenten op datselde mêd. Op 31 desimber 2017 hie @gemeentenenfrysk 670 folgers.

Nijsbrief

Ein 2015 is de digitale nijsbrief fan GemeentenenFrysk wer nij libben ynblaasd. Yn totaal giet it om sa'n 102 nijsbriefabonnees. De nijsbrief soarget foar in grut en direkt berik, mar ek foar de mooglikheid om krekt wat mear ynformaasje te bieden as fia Twitter. De nijsbrief is yn 2018 trije kear útkommen.

Amtlike oerlizen

Yn 2018 is it strukturele oerlis mei beliedsamtners fan de ferskillende gemeenten fuortset. De sesjes wurde posityf wurdearre en soargje foar mear kontakt en oerlis tusken beliedsamtners Frysk. Dêrby soargje se foar de mooglikheid om ynformaasje te sammeljen/presintearjen, mar ek om mei-inoar in tal saken op te pakken. Twa konkrete foarbylden binne: de Taalbeliedsmakker en de modelferoarding.

Njonken de beliedsamtners fan de gemeenten wurde ek amtners fan Ynlânske Saken en de provinsje útnûge en fertsjintwurdigers fan Dingtiid. Yn 2018 is it oerlis trije kear holden.

Bestjoerlik oerlis Mei-inoar foar it Frysk

Yn 2017 is op inisjatyf fan de provinsje it bestjoerlik oerlis 'Mei-inoar foar it Frysk' yn gong set. Bestjoerders fan de Fryske gemeenten en oare oerheidsynstellingen dy't ûnder de taalwet falle hawwe yn 2018 twa kear mei-inoar om 'e tafel sitten om de ambysjes foar it Frysk op bestjoerlik nivo te bepraten. Fanút GemeentenenFrysk is op ien fan beide gearkomsten in oersjoch jûn fan de stân fan saken oangeande it taalbelied by de Fryske gemeenten.

Taalbeliedsmakker

De ynfiering fan de Wet gebrûk Fryske taal set in soad gemeenten yn beweging. Alle gemeenten dy't ûnder dy wet falle, wurkje oan in nije beliedsnota of hawwe dy al fêststeld, en dat jout de mooglikheid om te soargjen foar mear ôfstimming tusken de ferskillende gemeenten. De Taalbeliedsmakker is in systeem dat oan 'e hân fan fragen en antwurden in konseptbeliedsplan ûntwikkelet. De basis foar it systeem leit yn it bekende menusysteem, dat basearre is op it Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden (yn wurking yn Nederlân sûnt 1998). De fragen binne ûnderferdielt yn seis tema's: bestjoer, ûnderwiis, soarch, kultuer, media en bedriuwslibben, rekreaasje en toerisme. De fragen geane oer wetlike taken, mar ek oer oanfollingen op ferplichtingen, lykas Frysk/meartaligens yn de WMO en de trochgeande learline. De Taalbeliedsmakker is yn 2018 by alle gemeenten brûkt dy't op dat stuit dwaande wiene mei it opstellen fan nij taalbelied.

Model taalferoarding

Op inisjatyf fan de beliedsamtners Frysk is yn 2016 in nij model taalferoarding yn gebrûk nommen. Dat model is tahekke oan de Taalbeliedsmakker. Yn it model is romte foar differinsjaasje. It model is yn 2018 brûkt troch alle gemeenten dy't yn dat jier in taalferoarding fêststeld hawwe of dermei dwaande wiene om dy op te stellen.

Akten boargersaken

Yn 'e mande mei de Nederlandse Vereniging voor Burgerzaken (NVVB) is wurke oan in oersetting fan it folsleine modelleboek dat brûkt wurdt troch alle ôfdielingen boargersaken fan de gemeenten yn Nederlân. De pakketten fan de trije partijen dy't digitale systemen oanbiede oan gemeenten binne yn 2017 oanfolle mei Fryske modellen. Yn 2018 is dêr nochris omtinken oan jûn. Op dy wize soargje wy derfoar dat yn alle Fryske gemeenten Frysktalige akten te brûken binne en dat de modellen dy't dêrûnder lizze gelyk binne.

DDFK

Dantumadiel, Dongeradiel, Ferwerderadiel en Kollumerlân binne yn 2017 amtlik fusearre en op 1 jannewaris 2019 folge in bestjoerlike fúzje fan Dongeradiel, Ferwerderadiel en Kollumerlân ta Noardeast-Fryslân. De fjouwer gemeenten hawwe yn 2016 mei stipe fan GemeentenenFrysk oan in nije taalbeliedsnota wurke. Yn 2017 is dy nota yn de gemeenten Dantumadiel, Ferwerderadiel en Kollumerlân fêststeld. Dongeradiel hold fêst oan it eigen taalbelied. Yn 2019 wurdt op 'e nij sjoen nei in mienskiplik taalbelied foar Noardeast-Fryslân en Dantumadiel.

Waadhoeke

De gemeenten Menameradiel, Frjentsjerteradiel, It Bilt en in part fan Littenseradiel binne op 1 jannewaris 2018 fusearre ta de nije gemeente Waadhoeke. De fjouwer gemeenten hawwe yn 2017 wurke oan in grûnhâlding taalbelied. Ein 2018 is it nije taalbelied fan Waadhoeke fêststeld en is dêr in taalplatfoarm oan keppele dat soargje moat foar mear útwikseling en gearwurking tusken de talepartners yn de gemeente. De Afûk is fanút it projekt GemeentenenFrysk partner yn dat taleplatfoarm.

Ljouwert

Ljouwerteradiel en in part fan Littenseradiel binne yn 2018 opgien yn de gemeente Ljouwert. Under lieding fan de gemeente Ljouwert en mei stipe fan GemeentenenFrysk is yn 2016 úteinset mei in nije taalbeliedsnota en in feroarding dy't rjocht docht oan de taalsituaasje yn Ljouwert en de doarpen dy't út de gemeenten Littenseradiel en Ljouwerteradiel wei by Ljouwert kommen binne. Dat taalbeliedsplan is besprutsen yn de gemeenteried fan Ljouwert en der is in wurkgroep ynsteld dy't advys jaan mei oan de ried fan Ljouwert oer it taalbeliedsplan fan de gemeente. GemeentenenFrysk is as foarsitter belutsen by dy wurkgroep.

Smellingerlân

Yn Smellingerlân hat de FNP in inisjatyfútstel taalbelied dien. Dat útstel hat it ien en oar yn gong setten binnen de gemeente. Mei stipe fan GemeentenenFrysk wurdt wurke oan in nij taalbeliedsplan dat yn 2019 foarlein wurde sil oan de gemeenteried fan Smellingerlân.

Harns

Mei stipe fan GemeentenenFrysk is der wurke oan in nij taalbeliedsplan foar de gemeente Harns. It plan en de feroardering binne ein 2018 fêststeld.

Weryndielingen en bestjoerlike oerienkomst

Ein 2017 is in bestjoerlike oerienkomst tekene troch de weryndielingsgemeenten DDFK. GemeentenenFrysk hat meitocht oer de ynhâld fan dy oerienkomst en in nultjitting dien.

3.3. Oersetburo

Rou-, trou- en berteteksten

Der wurdt troch partikulieren en ek troch ûndernimmers in soad gebrûk makke fan help by it oersetten fan rou-, trou- en berteteksten. Op de website fan de Afûk stiet in ferwizing nei de foarbylden op 'e site fan *heit&mem*. Trou- en routeteksten, gedichten en wurden fan treast binne ek te finen yn de útjefte fan 2018 '*Wa kin skiede fan in freon*'.

Lân fan taal

Foar Lân fan taal, in ûnderdiel fan Ljouwert-Fryslân Kulturele Haadstêd 2018, binne regelmjittich teksten yn it Frysk oersetten.

Fries Museum

Yn it Fries Museum hat it Frysk in sichtber plak. Foar ferskate eksposysjes yn it Fries Museum en it Prinsessehof binne Fryske oersettingen makke, lykas foar *Mata Hari*, *Rembrandt en Saskia* en *Lennart Lahuis*.

Provinsje en gemeenten

Regelmjittich wurde op fersyk fan de provinsje of in gemeente brieven of stikken yn 'e foarm fan kadernota's, profylsketsen, toeristyske rûtes of ferkiezingsprogramma's yn it Frysk oersetten.

Tresoar

Foar de Viglius van Aytta-tentoanstelling yn Tresoar binne begeliedende teksten yn it Frysk oersetten.

Bedriuwen

It brûken fan de taal fan de klant fergruttet de klanttefredenheid, fersterket de identiteit as Frysk bedriuw en is in goede klantebiner. Wy krije oanfragen binnen om teksten yn it Frysk oer te setten fan hoarekbedriuwen en muzykgroepen oant begraffenisûndernimmers en ynstânsjes dy't har mei kreamsoarch dwaande hâlde.

Boekewikegeskink

Fierder wurde romans en berneboeken korrizjearre of oersetten mei help fan it oersetburo fan de Afûk. Sa korrizjearren wy yn 2018 ûnder oaren it boekewikegeskink, dat skreaun waard troch Griet Op de Beek.

3.4. Frysk yn it rjochtsferkear

Mei it yngean fan de Wet gebrûk Fryske taal op 1 jannewaris 2014 wie it fan belang dat der mear beëdigde tolken Frysk komme soene. Fedde Dijkstra is op dit stuit noch altyd de iennichste tolk Frysk. Sa bliuwt it Frysk yn de rjochtseal in kwetsber dossier. Dêrom is der begjin 2015 in gearkomste pland mei de rjochtbank, de provinsje, Dingtiid en it Stipepunt fan de Afûk om meielkoar in oplossing te sykjen foar dy situaasje. Ien fan de útkomsten wie dat oan 'e hân fan in wurkgroep in koarte training taret wurde soe foar potinsjele nije tolken. De nammen foar dy wurkgroep kamen lang net boppe tafel. Yn febrewaris 2016 is opnij in besite brocht oan de rjochtbank nei oanlieding fan in besite fan MEP'er (Member of the European Parliament) Nils Torvalds oan Fryslân. Torvalds wie mear as ynteressearre yn it gebrûk fan minderheidstalen yn it rjochtsferkear. Dy besite hat der mei foar soarge dat de mooglike wurkgroepleden fan de rjochtbank bekend makke waarden. Yn oktober 2016 wie Gemeentenen Frysk by it dreampetear fan Dingtiid oer Frysk yn it rjochtsferkear. Yn maart 2017 is dêr in praktysk ferfolch oan jûn. Yn oparbeidzjen mei de provinsje soe der yn 2018 in ferfolch jûn wurde oan it Frysk by de rjochtbank, mar dat is op fersyk fan de provinsje noch net bard.

3.5. Taal yn 'e soarch

Doel: it stimulearjen fan taalbelied yn 'e soarch, rjochte op it behâld dêrfan yn ferpleech- en âldereintehuzen en ferbettering yn sikehuzen en by soarchfersekerders.

www.taalvoordezorg.nl

'Taal voor de zorg' wurket gear mei soarchoanbieders om soarchfregers te stimulearjen om yn soarchsituaasjes de eigen taal te brûken. Dat kin troch de oanbelangjende taal sichtber te meitsjen op de soarchlokaasje mei bygelyks posters en buttons, mar ek troch it oanbieden fan workshops oan de fersoargjenden. De website www.taalvoordezorg.nl biedt û.o. in oersjoch fan relevante ûndersiken, helpmiddels, beliedssaken en hantrekken foar professionals.

Yn 2018 is úteinset mei de taryeding foar in nije website 'taal voor de zorg'. Dy wurdt yn 2019 presintearre.

tal sesjes: 2.499, tal unike besikers: 2.090, trochsneed tiid op de site: 1,47 min.

facebook: 331 likes

mailchimp: 278 nijsbriefabonnees, seis nijsbrieven ferstjoerd yn 2018

Serie Taal in de zorg:

Yn 2015 is úteinset mei in rige artikels oer minsken yn de soarch – profesjoneel en partikulier – en it belang fan taal. De artikels wurde fergees oanbean oan soarchrelatearre media yn Fryslân en Nederlân. Ferskate media pakke de artikels ek op. De tydskriften en nijsbrieven fan de soarchoanbieders nimme de artikels ek op. Sa'n twa moanne nei it fersprieden nei de media wurde de artikels ek fia de eigen website en social media nei bûten brocht. It doel fan de searje is om beliedsmakkers en minsken op de wurkflier bewust te meitsjen fan taal en taalgebrûk. Yn 2018 binne trije nije artikels útkommen, wêrfan ien yn gearwurking mei 11huisartsen.frl.

Indiveo

Indiveo ûntwikkelet pasjintynformaasje oer sikehûsbehandelingen yn animaasjeform. Foar de longôfdieling is de earste pilot yn 2016 begûn yn trije Fryske sikehuzen. De bedoeling is om it fierder te ûntwikkeljen foar alle ôfdielingen fan it sikehûs. 'Taal voor de zorg' hat yn 2016 en 2017 meiwurke oan de Fryske voice-over by de animaasjes en sil by it ferwachte ferfolch ek de Fryske voice-over dêrfoar fersoargje. Foar 2019 stiet in oerlis pland oer in mooglik ferfolch fan de Fryske voice-over foar Indiveo.

11huisartsen.frl

De provinsje Fryslân en de Friese Huisartsen Vereniging hawwe de kampanje 11huisartsen.frl opsetten om mear húsdokters nei Fryslân te heljen. De Afûk is talepartner yn it projekt en soarget foar goede ynformaasje en foarbylden oer it belang fan taal yn de soarch, en ûntwikkelet dêrneist in digitale kursus Fries in de zorg foar húsdokters en oar soarchpersoneel.

Wolwêzen

Der hawwe petearen west mei fertsjintwurdigers fan fjouwer sosjale teams en wolwêzensorganisaasjes, twa kontaktpersoanen WMO/sosjale teams by gemeenten en it lektoraat oan de NHL oer it brûken fan taal en it Frysk by de sosjale teams.

Oan 'e hân dêrfan is yn 2018 in gearkomste organisearre oer taal yn 'e soarch en hawwe der ferfolchpetearen west mei professionals. De ynformaasje dy't ophelle is, wurdt brûkt foar de ûntwikkeling fan in nije website.

Underwiis

Der is kontakt lein mei it Lektoraat Welzijn nieuwe stijl/Werkplaats Sosjaal Domein oan de NHL yn Ljouwert om te praten oer de rol fan taal binnen de soarchopliedingen. Der hat in ferkennend petear west oer in mooglike gearwurking foar ûndersyk en aksje nei wykteams.

Mei de Friese Poort is in gearwurking fûn yn it projekt 'Belibje it wer'. Troch de studinten aktyf mei it tema Taal yn 'e soarch oan it wurk te setten, ferbetteret it bewustwêzen fan it belang fan taal yn 'e soarch.

Ynternasjonaal

De Fryske Akademy wurket mei ynternasjonale partners oan it COMBI-projekt. Dat projekt ûntwikkelet ynnovative lesmetoaden foar taaldosinten yn twatalige regio's, rjochte op it ferbetterjen fan de kommunikaasjekompetinsjes fan soarchmeiwurkers of studinten mei in migraasje-eftergrûn. Fanút it projekt Frysk yn 'e soarch hawwe wy yn 2017 in presintaasje jûn op ien fan de projektgearkomsten en yn 2018 hawwe wy noch twa petearen hân mei de meiwurker fan de Fryske Akademy oer it projekt en de gearwurking mei de Fryske soarchpartners en opliedingen. It projekt wurdt yn 2019 oplevere.

Yn 2018 hawwe wy meiwurke oan it LangUp-projekt fan de Fryske Akademy/Mercator. It projekt rjochtet him op taalpromoasje en taalbefoarderding by de jongerein, benammen om de mearwearde fan it praten fan de minderheidstaal yn it sykjen nei wurk foar it fuotljocht te bringen. De Afûk hat in projektgearkomste fan fiif dagen bywenne en ynformaasje jûn oer de eigen oanpak fan taalpromoasje en taalbefoarderding, en hat meitocht oer de doelstellingen fan it projekt.

3.6. Alderein: Dat wie doe sa

Om aktiviteitebegelieders fan passend Frysktalich materiaal te foarsjen is it projekt 'Dat wie doe sa' ûntwikkele. It oanbod yn dat projekt bestiet út ferhalen, petearen, ferskes, foto's en tips dy't aktiviteitebegelieders (AB'ers), frijwilligers, mantelsoargers én professionals hantrekken jouwe om mei de âlderein te praten oer dingen dy't se werkenne (reminisinsje). Oer de ynhâld kin de âlderein op nivo meiprate, want it giet oer dingen dy't se noch hiel goed witte. Sa telle se wer mei en dat stimulearret it wolwêzen.

www.datwiedoesa.nl

'Dat wie doe sa' biedt in protte materialen út it ferline dy't geskikt binne foar reminisinsje: ferhalen, muzyk, fideo's ensafuorthinne. It oanbod bestiet út werkenber materiaal, ôfkomstich út de regio en yn de taal fan de regio. It materiaal dat 'Dat wie doe sa' oanbiedt, is net allinnich geskikt foar partikulieren, mar ek foar professionals yn 'e soarch. Sa is it foar bygelyks demintearjenden posityf om oer harren libben te fertellen. Op www.datwiedoesa.nl steane ferhalen, advizen, tips, nije gaadlike boektitels en aktiviteiten. Sjoch op www.taalvoorzorg.nl foar mear ynformaasje.

Sline yn it ferline, De smaak te pakken krije

Yn gearwurking mei Zorgbelang Fryslân, Hof & Hiem, Huis van de Smaak en Puur Thijs hat 'Dat wie doe sa' meiwurke oan it projekt 'De smaak te pakken krije', dat in bydrage leverje wol oan it foarkommen en tsjingeane fan ûnderfieding by thúsvenjende âlderen. Foar 'Dat wie doe sa' lei it swiertepunt by it meitsjen fan it boek 'Sline yn it ferline': in boek fol mei gerjochten en oantinkens oan it iten fan doe. Ynstjoerd troch en sammele ûnder de âlderein fan Fryslân. It boek en it projekt binne yn april 2018 presintearre. It boek is útkaam yn in oplaach fan yn totaal 1900 stiks. Dêrfan binne der ein 2018 noch sa'n 200 beskikber.

Belibje it wer

Under de namme 'Belibje it wer' makket de Afûk yn gearwurking mei ROC Friese Poort, Leppenheim en Hof & Hiem in searje temakoffers, rjochte op reminisinsje. De koffers kinne ynset wurde by aktiviteiten yn de âldereinsoarch en it wolwêzen en kinne brûkt wurde om ferhalen en oantinkens op te heljen. Yn 2017 is in gastles jûn oan studinten fan de Friese Poort. Sa'n fyftich studinten hawwe yn oktober en novimber wurke oan 'Belibje it wer', troch in ynstruksjekaart, in materialelist en in workshopprogramma foar de ferskillende tema's te meitsjen. Yn 2018 hawwe de oanbelangjende professionals de ynstruksjekaarten ôfmakke en it materiaal sammele. De presintaasje hat begjin 2019 plakfûn.

Workshop Dat wie doe sa

Yn 2017 is spesjaal foar frijwilligers en aktiviteitebegelieders yn de âldereinsoarch in nije workshop ûntwikkele. Yn de workshop wurdt omtinken jûn oan it belang fan taal yn 'e soarch en wurdt op praktyske wize it 'Dat wie doe sa'-materiaal ûnder de oandacht brocht. De workshop 'Dat wie doe sa' is yn 2018 holden by Zorgcentrum Het Bildt, Patyna, twa lokaasjes fan Zuidoostzorg en Palet.

Foarlêslunch

Op freed 6 oktober waard foar de fiifde kear de foarlêslunch holden. Skriuwster fan it ferhaal wie Yvonne Keuls. Fanút 'Dat wie doe sa' is dat ferhaal wer oerset yn it Frysk. It Fryske foarlêsfershaal is oanbean oan alle oanbieders fan de foarlêslunch.

3.7. (Takomstige) âlden mei jonge bern: *heit&mem*

Heit&mem hat in grut berik ûnder (oansteande) âlden yn Fryslân. Mei *heit&mem* wolle wy:

(oankommende) âlden bewust meitsje fan de meartalige omjouwing en de kânsen op meartalige ûntwikkeling fan harren bern;

(oankommende) âlden stimulearje om harren bern meartalich grut te bringen en dêr hantrekken foar biede;

(oankommende) âlden stimulearje om mear Frysk te lêzen én foar te lêzen.

De crossmediale oanpak bringt mei dat (oansteande) âlden al by de swangerskip mei *heit&mem* yn 'e kunde komme, mar ek as sy harren bern oanjouwe by it gemeente- of stedhûs. Fansels wol *heit&mem* ek by de fierdere ûntwikkeling fan bern in betroubere partner wêze foar de âlden.

heit&mem-magazine

Lykas it jier dêrfoar binne yn 2018 wer trije nûmers fan *heit&mem* útbrocht. Twa nûmers binne útbrocht op de reguliere wize en mei de ynhâld dy't minsken fan ús ferwachtsje kinne. De fokus leit dêrby op âlden mei bern fan 4-12 jier, mar ek âlden mei lytse poppen, de oppas en pake en beppe wurde net ferjitten. De fersprieding fan dy twa nûmers ferrûn rûnom yn Fryslân fia basisskoallen, pjutteboartersplakken en konsultaasjeburo's, guon Fryske sikehuzen, bibleteken, boekhannels, gemeenten en oare iepenbiere ynstellingen. In list mei ferspriedingsplakken stiet op www.heitenmem.nl. Elkenien wurdt fan it ferskinen fan in nij nûmer op 'e hichte brocht fia de digitale nijsbrief fan *heit&mem*.

oplaach *heit&mem* nr. 01: 40.000 eksimplaren
oplaach *heit&mem* nr. 02: 40.000 eksimplaren

De lytse heit&mem

Neist de twa reguliere nûmers fan *heit&mem* waard yn 2018 alwer foar de fiifde kear in spesjale edysje foar jonge âlden útbrocht. Yn dy saneamde *lytse heit&mem*, eksklusyf makke foar it Taalkado, steane alderhande artikels dy't nijsgjirrich binne foar âlden dy't krekt in lytse poppe hawwe. Fansels is dat ek in nûmer dat wiidweidich omtinken jout oan de (mear)talige ûntwikkeling fan bern.
oplaach *de lytse heit&mem*: 6.000 eksimplaren

www.heitenmem.nl

It tal besikers fan de website www.heitenmem.nl wie yn 2018: 198.158. Dy besikers wiene troch de bank 2,02 minuten op de site oanwêzich. It gie dêrby om 169.422 unike besikers.
Foar de promoasje fan *heit&mem* en de dêroan keppele website www.heitenmem.nl wurdt gebrûk makke fan social media. Oan *heit&mem* is in nijsbrief keppele mei 1.655 abonnees, in Twitteraccount mei 1.345 folgers, in Facebookpagina mei 9.902 likes, in Pinterest-profyl mei 540 folgers en in Instagram-account mei 1.094 folgers.

heit&mem-panel

Om âlden te stypjen by de (mear)talige ûntwikkeling fan harren bern is it wichtich om de goede ynformaasje te hawwen. De ynformaasjeoarsjenning oangeande meartalige opfieding is op dit stuit nammentlik foar in grut part basearre op ynternasjonale ûndersiken. Om te soargjen dat der (noch) mear relevante ynformaasje foarhannen is, hawwe wy yn 'e mande mei it SFBO in *heit&mem*-panel organisearre. Alden helpe, fia in boartlik ûndersykje mei harren bern, mei oan noch mear gegevens oer de taalûntwikkeling yn in meartalige kontekst. Yn 2018 diene âlden fan goed 700 bern mei oan it panel. Sy beäntwurden in jierlikse fragelist en testen taalaktiviteiten út.

Kreamtaskes

By MCL en Nij Smellinghe wurde foarljochtingstaskes útparte troch de meiwurkers fan de sikehuzen. Yn guon gefallen oan oanstearde âlden, mar ek oan âlden dy't krekt in lytse poppe krigen hawwe. Ferskillende kearen yn it jier wurde kreammerken holden yn bygelyks sikehuzen. De Afûk leveret kreamtaskes mei ynformaasje oer (meartalige) opfieding, dy't útdield wurde oan de oanwêzigen. Yn de taskes sit ynformaasje oer meartalich grutbringen en materiaal dat dêrfoar brûkt wurde kin, lykas de brosjure 'Talen kleuren je leven', in nûmer fan *heit&mem* en in Tomke-boekje.
tal kreamtaskes: 985

Echofotolistje

Sikehuzen, ferloskundigepraktiken en echoburo's diele de fotolistjes út oan takomstige âlden. It fotolistje kinne de âlden brûke om de echo fan de lytse poppe goed yn te bewarjen en in moai plakje te jaan yn 'e hûs, mar biedt harren ek fiif fragen oangeande (mear)talich grutbringen, dêr't takomstige âlden yn de swangerskip al oer neitinke kinne.
Yn 2019 binne der 2300 echofotolistkes ferspraat ûnder 8 ferloskundigepraktiken en dêrneist binne se noch taheakke oan de kreamtaskes.

Taalkado

Yn 2016 is it Taaltaske transformearre nei it Taalkado: yn Fryslân krije bern ommers in taal kado! It Taalkado hat mei syn frisse, moderne 'look' itselde doel en boadskip as it eardere Taaltaske. By de oanjefte fan de berte fan harren bern krije de âlden by de Fryske gemeenten it Taalkado oerhandige, mei dêryn ynformaasje oer it meartalich grutbringen fan harren bern. It Taalkado wurdt gearstald troch de Afûk en de provinsje Fryslân en troch de provinsje bekostige. Yn 2018 hawwe der yn totaal fiif bestelmominten west en waarden likernôch 6.000 kado's ûnder de gemeenten ferspraat.

Konsultaasjeburo's

Sûnt 2015 wurdt der yn de gemeenten Súdwest-Fryslân en Littenseradiel op de konsultaasjeburo's omtinken jûn oan meartalich grutbringen. Dat bart yn it projekt 'Overdracht thuistaal', dat opset is mei help fan it SFBO en de Afûk. It projekt is yn 2017 evaluearre en der is besletten om it projekt, yn oanpaste foarm, te ferlingjen. De Fryske Marren hat it oanbod yn 2016 oernommen en mei ferskate oare gemeenten wurdt sjoen nei mooglikheden om it oanbod dêr ek yn te setten. Yn 2018 is der yn gearwurking mei GGD Fryslân in Tomke-poster makke, mei koarte tips foar by it toskpoetsen. Dy poster is op alle konsultaasjeburo's yn Fryslân ferspraat.

3.8. PraatmarFrysk-kampanje

Doelen

Friezen bewust meitsje fan harren eigen taal en identiteit en de mearwearde fan harren meartaligens.

Drompels weinimme om it Frysk te brûken yn benammen it bedriuwslibben (winkels) en by de oerheden.

It fergrutsjen fan de (permaninte) sichtberheid fan meartaligens (en/of it Frysk) yn it iepenbiere libben, benammen it bedriuwslibben, hoareka en toerisme, soarch en gemeenten.

Emansipaasje fan it Frysk en syn brûkers.

Utgongspunten

Om in taal te brûken en te ûnderhâlden is it belangryk dat in persoan syn hiele libben lang dy taal op ferskillende plakken en manieren heart en ûnder eagen kriget.

De bernejierrren en de pubertiid wurde sjoen as de krúsjale perioade om in positive hâlding en posityf gedrach te ûntwikkeljen foar in minderheidstaal oer en om te bepalen oft de taal brûkt en trochjûn wurdt. Frysk op skoalle is dêrfoar net genôch. De taal moat yn in bredere sosjaal-maatskiplike kontekst op in oansprekkende wize te sjen en te hearren wêze.

Dêrfoar is it belangryk dat taalpromoasje him foar in grut part rjochtet op de jongerein en de jongfolwoeksenen, op in wize dy't dy groep oansprekt, mei de media dy't dy groep brûkt en op dy plakken dêr't dy groep te finen is. Ut ûndersyk ûnder jongeren troch de Taalunie docht bliken dat de belangstelling foar taal prikele wurdt as dat op in kreative wize bart. It is wichtich om de foaroprinders yn dy groepen mei te krijen.

Om it Frysk op it wurk in plak te jaan is it nedich dat dêr in iepen klimaat foar is op de wurkflier. Yn Fryslân soe it foar elk mooglik wêze moatte om it Frysk op it wurk te brûken mei kollega's en tsjin klanten. Foar de klanten is it wichtich dat it Frysk ek sichtber makke wurdt en dat der bygelyks yn winkels/praktykromten/kantoaren fan grutte lanlike bedriuwen mei fêstigingen yn Fryslân romte is om dêr ek yn it Frysk te kommunisearjen. Benammen yn it management fan de gruttere bedriuwen/ynstellingen/(semy)oerheden, mar ek by it persoanel kin it taalbewustwêzen ('*Hoe sit dat no mei dy taal yn Fryslân?*') noch groeie. Yn it midden- en lytsbedriuw is dat minder driuwend. Dêr sit it mei it taalbewustwêzen oer it generaal wol aardich goed, sa is ús ûnderfining.

It brûken fan it Frysk yn 'nije' media en op oare plakken, op in kreative en moderne wize, soarget foar de emansipaasje fan de taal, it wurket statusferheegjend en makket dat der in positive hâlding ûntstiet foar it Frysk oer.

It is by in soad minsken, bedriuwen en ynstellingen noch net genôch bekend hokfoar mooglikheden en produkten oft der binne as it giet om it Frysk en de posysje fan de taal yn Fryslân. Dat soe noch mear nei bûten ta brocht en sjen litten wurde moatte.

De rol fan de mienskip is wichtich as it giet om it brûken en sichtber meitsjen fan it Frysk. Inisjativen út de mienskip wei wolle wy safolle mooglik stypje. Dochs is it faak sa dat dy inisjativen net samar ûntsteane. Minsken moatte op in idee brocht, ynspirearre en stipe wurde. Dêr sjogge wy foar ússels in belangrike rol yn.

Gearwurkje, ferbiningen lizze en ambassadeurs

Binnen de kampanje steane gearwurkjen en it lizzen fan ferbiningen sintraal. Wy binne altyd op syk nei ynteressante en nuttige partners. Op dit stuit is it sa dat wy foar in soad organisaasjes en bedriuwen in oantreklike partner binne om mei gear te wurkjen. Wy hawwe in grut berik, witte hoe't wy ús doelgroepen oansprekke moatte en bringe in soad ekspertize en entûsjasme mei. Foar ús leit de útdaging der ek yn om just mei dy partijen gear te wurkjen dy't minder foar de hân lizze en dêr't it Frysk noch net in fanselsprekkendheid is, wylst it dat yn ús eagen wol wêze moatte soe.

Wy hawwe de ôfrûne perioade mei tal fan organisaasjes, bedriuwen en partikulieren gearwurke en dy gearwurkingsferbannen ûnderhâlde wy fansels ek. Fierder hawwe wy besocht om safolle mooglik ferbiningen te lizzen mei projekten en produkten dy't mei troch de Afûk útfierd wurde.

Algemiene kampanjematerialen

Yn 2018 wiene de neikommende materialen beskikber foar de kampanje:

- PraatmarFrysk talerútstikker
- PraatmarFrysk boomerangkaarten
- PraatmarFrysk buttons en pins
- PraatmarFrysk posters
- Rinze AB poster
- Opblaaslippen
- Balybuordsjes
- Mei ik wol oer-stikker
- Dit is in moai plak om te tútsjen-stikker
- PraatmarFrysk-stikker

De materialen kinne fia ús website fergees besteld wurde yn beheinde oantallen en mei in motivaasje. Foar spesjale aksjes en projekten kinne gruttere oantallen besteld/brûkt wurde. Ek dit jier is it materiaal wer nei tal fan bedriuwen, partikulieren, organisaasjes, ferieningen en skoallen ferstjoerd.

Aktiviteiten

Frysk Alle Dagen

Yn oktober 2017 binne wy úteinset mei #FryskAlleDagen, in kampanje om ús mienskip en oaren fia ús social media it Frysk aktiver brûke te litten yn it deistich libben, troch harren trije kear wyks lytse opdrachtsjes te jaan en troch ynformaasje oer beskikbere (online) middels. De dielname oan de kampanje is grut. Der is in soad ynteraksje. Mei elke opdracht binne sa'n 500-5.000 minsken op ien of oare wize dwaande.

Netwurk taalbuddys/LISTEN/Twatalige konversaasjes

Yn 2018 hawwe wy dwaande west mei de tarieding fan in grutter projekt oangeande 'linguistic assertiveness', dat Frysktaligen en minsken dy't it Frysk faker brûke/better leare wolle hânfetten jout om it Frysk faker te brûken, mei selsfertrouwen en op in freonlike wize. It projekt, ûnder de wurkstitel LISTEN, wurdt yn 2019 yntsjinne foar in Erasmus Plus-bydrage en wurdt mei ferskate oare ynternasjonale partners útfierd, sadat der tagelyk ek in útwikseling fan good practices plakfynt.

Social media

Om de ferdjipping en it omtinken foar lêzen en skriuwen mear hannen en fuotten te jaan op social media, stie yn 2018 trije kear wyks 'Frysk Alle Dagen' sintraal. Mei 'Frysk Alle Dagen' wolle wy ús folgers stimulearje om it Frysk te brûken en jouwe wy harren dêrfoar lytse opdrachten ta ynspiraasje.

It skema sjocht der no sa út:
moandei: siswize en Frysk Alle Dagen
tiisdei: poëzy
woansdei: Frysk Alle Dagen en Wat is goed?
tongersdei: frisisme
freed: Frysk Alle Dagen en Frysk op 'e dyk

Speakdates yn gearwurking mei EUNIC en EBLT

Yn it ramt fan de Europeeske Dei fan 'e Talen is der yn gearwurking mei EUNIC en EBLT in speakdate event organisearre foar sawol skoalbern (middeis) as folwoeksenen (jûns) yn it Talepaviljoen en by Tresoar. Elkenien koe priuwe fan in grut ferskaat oan talen, wêrûnder ek Frysk en Biltsk.

PraatmarFrysk app

De Wat Wurd It-app is yn 2015 yntegrearre yn de nije PraatmarFrysk-app. Alle moannen kamen der sa'n 100 nije suggestjes yn om ta te heakjen oan de database fan it wurdboek.
De PraatmarFrysk-app is yn 2018 troch 1740 Android-brûkers en 1684 iOS-brûkers download.

WhatsApp

Sûnt augustus 2014 is PraatmarFrysk ek te berikken fia WhatsApp. Alle wiken komme fia dy app fragen binnen oer de kampanje en it Frysk en wurde tips oan ús jûn foar Frysk op 'e dyk of wurde der foto's stjoerd.

PraatmarFrysk kroechkwis

De PraatmarFrysk-kroechkwis is yn 2018 holden op:
1 juny: Talepaviljoen MeM, Ljouwert, 10 teams (50 dielnimmers), 70 man yn totaal
30 novimber: Doarpshûs 'De Golle', Wurдум, 18 teams (90 dielnimmers), 100+ man yn totaal

Presintaasje: Douwe Gerlof Heeringa, prizesponsoring troch de kroegen sels, Weidenaar woarst, Afûk, Sonnema en Van der Eems drukkerij.

Organisaasje en promoasje Lyts en Grut Frysk Diktee

PraatmarFrysk die dit jier mei oan de organisaasje en promoasje fan it Grut Frysk Diktee, dat dit jier ekstra grut wie fanwege LF2018. It waard holden op it Aldehoustersjerkhôf en der diene 621 minsken mei. It diktee waard dit jier ek wer útstjoerd op Omrop Fryslân TV.
Fia ús website www.fryskdiktee.frl koe elkenien live meiskriuwe.

Bedriuwfilmkes

Der is in tal bedriuwfilmkes makke by:
Dokterswacht (opnaam yn 2017, presintaasje yn 2018)
De Wijnimporteurs
Sylskoalle De Pean
Saar aan Huis
Hulpmiddelencentrum Fryslân
Wetterskip Fryslân

Gastfrij Frysk

Yn 2016 hawwe wy in programma/workshop ûntwikkele foar bedriuwen.
Undernimmers leare om opnij te sjen nei de eigenheid fan it bedriuw, de kultuer, de taal, de streek en de eigen identiteit, en om dat op in natuerlike, autentike wize oer te bringen op harren gasten.
De workshop is yn 2017 twa kear holden en yn 2018 breed útset nei ûndernimmersferieningen troch hiel Fryslân. Utsein yndividueel kontakt mei bedriuwen hat dat net laat ta mear workshops.

Taalpraatsje Muzyk yn Bedriuw en Op & Ut

Om de twa wiken fersoargje wy tongersdeitemoarns in taalpraatsje yn it programma Muzyk yn Bedriuw. It praatsje giet oer ús aktiviteiten, dingen dy't wy tsjinkomme op social media, taalûndersiken, nije produkten ensfh.

Dêrneist hawwe wy fan ein maart oant ein oktober alle sneonen yn Op & Ut west om te fertellen oer de programmearring yn Talepaviljoen MeM, de aktiviteiten yn 'e Taletún en de ferskate aktiviteiten fan Lân fan taal.

LearmarFrysk.nl - Blinder of Blunder

De "Beter Spelln"-site fan Fryslân, mei alle wiken twa kear in nije opjefte. Ein 2018 wie it tal abonnees 1.568.

Stimmebank

De stimmebank wurdt geregeld rieplachte en ynset by it ynsprekken fan benammen apps en reklames.

LinkedIn

PraatmarFrysk hat in LinkedIn-groep dy't foaral rjochte is op Frysk yn bedriuw. Om 'e wike wurdt dêr in nij berjocht op pleatst oer it brûken fan it Frysk of foarbylden fan hoe't bedriuwen mei de taal omgeane. Tal leden LinkedIn-groep: 231.

Frysk op 'e dyk

Sels mei in goede sichtberens is it sa dat it soms sa fanselsprekkend is datst it net iens mear sjochst. Dat jildt ek foar it Frysk yn Fryslân. Om dat wat al sichtber is foar it fuotljocht te heljen wolle wy safolle mooglik 'Frysk op 'e dyk' sammelje en sjen litte. Dat dogge wy sels, mar wy roppe ek de mienskip op om ús dêrby te helpen.

Der stiene ein 2018 1.048 foto's op de Tumblr-site. De foto's binne ek fia ús social media-kanalen ferspraat (op freed).

Lân fan taal

Online en offline hawwe wy aktyf meiwurke oan de Lân fan taal-kampanje om it Frysk mear sichtber te meitsjen yn Lân fan taal, mei buorden, banners op 'e gevel en om ien en oar bekend te meitsjen. De regels fan Lân fan taal hawwe wy yn tal fan lytse talen oersetten litten en brûkt foar ferskillende uteringen, bygelyks op ús boekelizzers, op social media ensfh. De ynformaasje oer de programmearring wie yn it Frysk, Nederlânsk, Ingelsk en de taal fan 'e wike beskikber.

De aktiviteiten yn it ramt fan Lân fan taal binne ek fia de Praat mar Frysk-kanalen ûnder de oandacht brocht, lykas: de programmearring en aktiviteiten yn Talepaviljoen MeM, de aktiviteiten yn 'e Taletún, it grut diktee, de Talekaravaan ensfh.

Frysktalige programmearring talepaviljoen MeM

PraatmarFrysk hat soarge foar de Frysktalige programmearring yn Talepaviljoen MeM op tongersdeitejûn. Fan ein maart oant ein oktober hawwe der alle tongersdeis Fryske bands, dichters, sjongers en muzikanten optredens fersoarge yn 'e mande mei de artyst(en) fan in oare taalregio dy't dy wike sintraal stie. Sa binne der ynteressante ferbiningen lein tusken de ferskillende talen en artysten. (Sjoch fierder Lân fan taal.)

It promoasjemateriaal fan PraatmarFrysk wie ek beskikber yn MeM en dêrneist is de Praatpeal ynset om minsken oan te trunen har moaiste wurd yn te leverjen.

Bartelje

Yn desimber 2017 is Mirjam Vellinga mei dokumintêremakker Bart Kingma, kameraman Jan Bensliman en dichter Elmar Kuiper ôfreizge nei Baskelân om in dokumintêre te meitsjen oer de Baskyske ymprovisaasjedichtkeunst Bertsolari, dy't dêr tige suksesfol is. Neist de dokumintêre is it fenomeen 'barteljen' yn maaie 2018 presintearre.

De dokumintêre hat syn premjêre hân yn Talepaviljoen MeM, wêrnei't ferskate minsken, benammen dichters en sjongers, besocht hawwe om te 'barteljen'. Yn it programma fan Noardewyn hawwe dêrnei ek noch ferskate artysten in bartelopdracht útfierd. Yn de Baskyske wike, yn july, binne yn Talepaviljoen MeM foar belangstellenden workshops organisearre troch in Baskyske bertsolari. It fenomeen hat in soad omtinken krigen yn de parse, sawol yn Fryslân as yn Baskelân. Yn 2019 wurdt wurke oan in ferfolchprojekt neffens Baskysk foarbyld, mei omtinken foar it ûnderwiis en foar potinsjele folwoeksen bartelders.

S(h)are en New Noardic Wave

Yn 'e mande mei partners yn Baskelân wurdt wurke oan it krijen fan draachflak en it bouwen fan in audiofisueel netwurk foar omroppen en producers yn lytse taleregio's – S(h)are – om sa ta heechwaardige produksjes te kommen, fan inoars ynfrastuktuer, kennis en ûnderfining gebrûk te meitsjen en ek om te sjen oft wy regionale kulturele fenomenen in ynternasjonaal poadium jaan kinne, lykas de Bertsolari-dokumintêre dy't op Omrop Fryslân útstjoerd wurde sil.

Kampanje Fryske taalhelpmiddels Taalhelp.frl

Wy hawwe yn 2018 in kampanje opset en útfierd om de digitale taalhelpmiddels better bekend te meitsjen. Ien en oar is bard yn gearwurking mei BWH en Omrop Fryslân.

De website taalhelp.frl is lansearre en om de ferskillende helpmiddels hinne binne spots makke dy't fia Omrop Fryslân en ús socialmediakanalen ferspraat binne en der binne banners pleatst op in tal drokbesochte websites . Yn 2019 sil de kampanje in ferfolch hawwe.

Friesland Free Tour

Sûnt 2016 is de Afûk ek ûnderdiel fan de Friesland Free Tour, dy't elke freedtemidde om 15.00 oere oanbean wurdt oan toeristen en belangstellenden. Dielnimmers komme mear te witten oer it Frysk en Fryslân en leare ek in pear wurdjes Frysk. Under de dielnimmers sitte in soad bûtenlânske gasten. Sjoch ek op: <http://www.aguidetoleeuwarden.nl/fryslantour/>.

Fierder

De Afûk hat studinten Elon University (VS) begelaat by it meitsjen fan in filmke oer de meartaligens fan Ljouwert.

De Swiftkey-app foar Fryske toetsebuorden en autokorreksje is fierder meiûntwikkele en bekend makke yn gearwurking mei Microsoft

Meiwurke oan ferskillende ûndersiken, û.o. oer social media foar Mercator/FA

Presintaasje PraatmarFrysk op kongres St. Nederlandse Dialecten

Presintaasje taalpromoasje iepening LF2018 ynternasjonale delegaasje

Meiwurke oan presintaasje en fersprieding brosjuere Taal fan it Hert

Tal fan 'praatsjes'/presintaasjes oer taalpromoasje, it Frysk, meartaligens foar selskippen dy't MeM besochten, yndividuele besikers en parse.

Oersjoch sifers website en social media

Website

Yn 2018:

Tal besiken: 8.033

Tal besikers: 7.915

Troch feroare algoritmen fan Facebook en Twitter binne communities lykas PraatmarFrysk minder sichtber wurden. Dêrneist is it algemien gebrûk fan Facebook en Twitter ek ôfnommen. Instagram sit dêrfoar yn 'e lift. Ien en oar hat ek direkt ynfloed op ús socialmediakanalen. It tal freonen/folgers is nettsjinsteande dy ûntwikkelingen stabyl bleaun.

Twitter

Ein 2018 hiene wy 13.100 folgers.

Facebook

PraatmarFrysk hat ek in Facebook-pagina. Ein 2018 hiene wy 22.880 freonen.

Instagram

PraatmarFrysk hie ein 2018 goed 1.350 folgers op Instagram.

YouTube

Yn 2018 hie ús YouTube-kanaal 23.200 views en 24.600 sjochminuten. Dus alle moannen waard ús kanaal sa'n 2000 kear besocht en waard der trochinoar 35 oeren yn 'e moanne nei ús filmkes sjoen.

3.9. Lân fan taal

Mei ús projekten foar Lân fan taal hawwe wy besikers fan Kulturele Haadstêd 2018 op in ynnovative en ferrassende wize bewust makke fan de rol fan taal yn it yndividuele en kollektive bestean. Lân fan taal wie en is in poadium dêr't taal ta libben komt en de besiker sels ûnderfynt wat taal foar him of har betsjut en dêr't er ûntdekt wat de taal seit oer syn/har identiteit. Lân fan taal wie en is ek in poadium en platfoarm foar it programmearjen fan artistike manifestaasjes, edukative aktiviteiten, kulturele eveneminten en debatten oer ûnderwerpen dy't oan taal relatearre binne.

Talepaviljoen MeM-Livingroom of Languages

It Talepaviljoen wie yn 2018 it plak dêr't it publyk op alderhande wizen yn 'e kunde komme koe mei de ferskillende taalmienskippen yn Europa, Nederlân, Fryslân en Ljouwert.

De klam lei dêrby op de lytse talen yn Europa, de streektalen yn Nederlân en Fryslân en de talen dy't sprutsen wurde yn de stêd Ljouwert. It Frysk spile dêrby in sintrale rol. It paviljoen wie dêrmei ek it moetingssplak fan dy ferskillende taalmienskippen yn Lân fan taal. Der wie romte om noflik te sitten en om lytse optredens en lêzingen te hâlden.

It Paviljoen hat in sintraal plak krigen yn de Prinsetún. It Paviljoen, in 'dûbele memmefiguer', stie symboal foar de memmetaal en meartaligens. It paviljoen sels siet ûnder de rokken fan 'mem'. In feilich plak dêr'tst dyn taal ôflizze kinst en mei in iepen blik yn 'e kunde komme kinst mei oare minsken en mienskippen. Dat waard mei bewurkmastere trochdat it hoarekapersoniel dôf wie. It Paviljoen tsjinne ek as moetingssplak foar skoalgroepen dy't in besite brochten oan de Taletún. It Paviljoen is yn gearwurking mei BUOG foarmjûn. It hoarekapersoniel bestie foar in grut part út minsken dy't dôf binne/net goed hearre kinne.

Doelen

Minsken yn 'e kunde komme litte mei de rykdom dy't meartaligens ús biedt. Dêrby is der spesifyk omtinken foar:

- de (mear)wearde fan meartaligens;
- de (mear)wearde fan (eigen) talen en ferhalen;
- de (mear)wearde fan in breed oanbod yn de eigen memmetaal.
- It taalferskaat yn Europa, Nederlân en Fryslân oan it publyk sjen litte en sjen litte dat der mear is as ien lân-ien taal;
- It publyk bewust meitsje fan meartaligens;
- It netwurk fan ferskillende Europeeske lytse taalmienskippen fuortsette, fierder bouwe op Donostia, Spanje 2016 en fierder ûntwikkelje nei Galway, Ierlân 2020.
- Taalmienskippen yn de stêd en yn Nederlân binne better yn byld (bygelyks foar aktiviteiten en projekten yn de takomst) en hawwe nije kontakten makke.

Doelgroepen

- yndividuele belangstellenden (16+)
- ferskillende taalmienskippen

Basisaktiviteiten

Yn it Paviljoen stie 30 wiken lang alle wiken in taal sintraal. Troch de wike hinne waarden der ferskillende aktiviteiten organisearre, neffens de mooglikheden fan de taalpartner. Alle tongersdeitejûns en sneintemiddeis fûnen der optredens plak. Op tongersdeitejûn wie dat altyd yn kombinaasje mei in Fryske artyst, op sneintemiddeis yn gearwurking mei de nije taalregio dy't de wyk dêrnei sintraal stie.

Ferdieling

Streektaal Ned/Frl (10): wike 13/14-23

Europeeske partners (10): wike 24-33

Talen yn de stêd (10): wike 34-43

Op woansdeitejûns waarden der Talekafees organisearre en op sneontemoarn fûnen de opnamen fan it programma Op & Ut plak yn it Talepaviljoen.

Besikers waarden frege om harren moaiste wurd yn te leverjen troch dat op te skriuwen op in 'dakpanne'. Sa leveren sy symboalysk harren eigen taal yn om iepen te stean foar oare talen en wizen fan kommunikaasje. Geandewei it jier kamen der hieltyd mear moaiste wurden yn ferskillende talen op it dak fan it paviljoen.

By de aktiviteiten en programmearring binnen it Talepaviljoen lei de klam yn it foarste plak op partisipaasje. It wie in mienskipprojekt wêryn't it proses, it oangean fan relaasjes en it útwikseljen fan ynformaasje en ûnderfiningen foarop stiene. Dêr siet en sit de rykdom en de legacy.

De taalpartners hawwe ien of mear artysten stjoerd as fertsjintwurdigers fan harren taalregio. It Talepaviljoen fungearre yn dy sin as Ambassade fan de regio dy't op besite kaam.

Wichtige kritearia foar de artysten

- rjochte op publykspartisipaasje;
- as it tradisjoneel is, altyd ferbining mei nije foarmen/nije gearwurkingen;
- ree wêze om mei oare partijen gear te wurkjen yn it Paviljoen.
- de artysten moatte by steat wêze om it publyk út te nûgjen om mei te dwaan en ynteresse by harren op te wekjen foar harren taal en kultuer.

Mear as 55.000 minsken hawwe genietsje kind fan mear as 100 workshops en optredens fan hûnderten muzikanten, sjongers, dichters en ferhalefertellers út ferskate taalmienskippen. Fan It Bilt oant Basketlân, fan Seelân oant de Yndonezyske mienskip yn Ljouwert.

Hjirûnder in oersjoch fan de kearngegevens fan Talepaviljoen MeM.

Talepaviljoen MeM

Koördinaasje: Afûk
Koprodusint: BUOG

Data: 31 maart o/m oktober 2018

Fasilitearre partners:

BWH, Buro Klei, CSL, Dirk Geerdink, Forvo, GV stage equipment b.v., Jan Tiemersma, MK plus, MUDS Audio en visueel, PS Vertalingen, Sekuer, Van der Eems, Willem Elsinga/Sterrenwind, B&B Olde Signorie.

Partners programmearring

Strukturele partners: Friese Poort, Friesland College, gemeente Leeuwarden, HCL, Omrop Fryslân, provinsje Fryslân, Tresoar, Wikipedians

Regionale en (ynter)nasjonale partners y.f.m. spesifike wike:

Nederlân: Bildts Aigene, Bildtse Post, Bildtse Aardappelweken, Erfgoedcentrum Achterhoek en Liemers, Contactgroep Zuid-Hollandse dialecten, IJsselacademie, Twente Welle, Huis voor de Kunsten Limburg, Huus van de Taol, Erfgoed Brabant, Huis van de Groninger Cultuur, Stichting Cultureel Erfgoed Zeeland, Stellingwerper Skrieversronte, Sont, HoorFriesland, Kentalis, SPLIKA, Kunstbende.

Europa: Niedersächsischen Landtag, Ealain Na Gaeltachta, Údarás na Gaeltachta, Conradh na Gaeilge, Galway2020, Foras na Gaeilge, Culture Vannin, Euskaltzaleen Topagunea, Etxepare, Donostia Kultura, Consorci per a la Normalització Lingüística, A Mesa pola Normalización Lingüística, Agenzie pe lenghe furlane ARLeF, Ostfriesische Landschaft, University of Malta, Institute of Linguistics and Centre of Literacy, Inizjamed, Vöro institute, Domowina, ELEN, Académie du Gallo, Asociación Faceira, OSCEC Estremaúra, Academia de l'Aragonés, Älvdalska som minoriteits, EuroMinLang, Jalò to Vua, Cadèmia Siciliana, Generalitat de Catalunya, Związek Mazurski, To ddomadi greko, Awr Cymru, Iniciative pol asturianu, Armânamea Trâ Europa, Sabhal Mòr Ostaig, L'Office Du Jèrriais, Comitato per la Salvaguardia dei Patrimoni Linguistici, Sardware, Guernsey Language Commission, AEGEE / European Students' Forum

Ynsidintele partners y.f.m. festival/evenemint: EUNIC, FYK, Korenfestival, LIET Ynternasjonaa, Natuurmuseum Fryslân, Prinsentuinconcerten, Tryater, YEN

Bands en artysten Fryslân: Elmar Kuiper, Tigers fan Greonterp, Sina Keuning, Geppy Haarsma, Mosken, Two Faces, Baldrs Draumar, Hendrik Elings, Gerard de Jong, Feetwarmers, Jan Nota, Hein Jaap Hilarides, Geart Tigchelaar, Gitte Brugman, Baukje Pietje Venema, Lytse Hille, ZEA, Xigatze, Tsead Bruinja, De Scheve Schaats Band, SOTD, Skraal, Carolien Hunneman, Aafke Zuidersma, Sietze Bouma, Hiske Oosterwijk, Jankobus Seunenga, Tet Rozendal, Jolly F., Kajto, Anatoli Tsjaipovski, Trio of Love, Piter Wilkens, Carvoeiro, Khalid, Malkander, Lústerryk, WIEBE, Magic Five and friends Willem Schoorstra, Eke Born, Rutger Dijkstra, Sander Metz, Janneke Brakels, Paul van Dijk, Mirjam van Houten, Lida Dykstra, Arjan Hut, Jurjen van der Meer, Ate & Bertina, Iris Kroes

Bands en artysten Nederlân: Oost-Gelders Kwintet, Gery Groot Zwaaftink, Firma Weijland, Wannebiezz, Lytse Hille, Rob Hulst, Martin ter Denge, Juust, Dokter Watjes, Kwante Hippe, PYURE, Ton Peters, Gezienus Omvlee, Rob Boudestein, Ben Hoogland, Margaretha Kleine, Lya de Haas en Hennie Korsten, VANDIEKOMSA, Marije Langelaar, Henk Puister, Krysstof Groen, Bert Hadders, Joost Dijkema, Bernard Gepken, Marlene Bakker, Sankie Koster, Broeder Dieleman, Plunder, Radio Esperanto, Sowulo.

Bands en artysten Europa: Annie Heger, Aindrias de Staic, Billy Fumey, Xabi Paya, Joxan Goekoitxea, Marius Burokas, Jan Carson, Robert G. Elekes, Kostas Gouliamos, Dana Grigorcea, Mustafa Kör, Svealena Kutschke, Giorgio Montefoschi, Jaroslav Rudis, Matthias Monka, Brian ÓhEadra & Fiona MacKenzie, Aifric Mac Aodha, Doimnic Mac Giolla Bhríde, Kula Bula, Jan Bresan, Phil Gawne, Greg Joughin, Carsten René Nielsen, AP Kivinen, Maria Lado, Leanne Ellul, Xera, DJ Tubet, Jonny M

Tal algemiene besikers: sa. 55.000

Eksklusive besikers/groepen mei eigen rûnlieding/presintaasje Taletún-Paviljoen: 2.950

Fia A guide to Leeuwarden: 928 besikers fia de Lf2018-tour, 2.375 fia de Fryske ferhaletoe.

Tal frijwilligers: 17

Stazjêres:

Guillem Belmar, fia RUG

Sofie Helleman, fia MBO Marketing en Communicatie/HoorFriesland

25 stazjêres Bouteam, Friese Poort Drachten

7 studinten Multy-Media Elon University, North Carolina

Taalkaravaan

Op 5 plakken yn de provinsje fersterke de Taalkaravaan it oanbod fan in besteand evenemint mei in ryk (muzikaal) programma wêryn't talen en ferhalen sintraal stiene.

De Taalkaravaan reizge lâns:

- Oranjewoud Festival Oranjewâld
- Admiraliteitsdagen Dokkum
- Oerol Skylge
- Simmerdeis yn Drachten
- Tall Ships Races yn Harns

By elke 'halte' fan de Taalkaravaan wie it Redaksjelokaal en de Relaxerette presint. Dat wiene publykslûkers foar jong en âld. Yn it Redaksjelokaal stiene sa'n fyftjin âlde typmasines yn in sfearfolle setting. Besikers waarden nûge om in tekst te skriuwen en betûfte skriuwers en dichters holpen dêrby. De Relaxerette fan keunstner Arjan Kruidhof wie in rûndraaiende ynstallaasje dy't minsken meinaam nei in oar perspektyf. Besikers leine yn in hingelmatte mei in koptelefoan op en harken nei spesjaal foar dy gelegenheid skreaune ferhalen, dy't de gedachten even fersetten. De Taalkaravaan hat yn totaal 29.000 besikers hân.

Taalgame

Us: Lân fan Taal-taalgame is in game oer Ljouwert, dy't ûntwikkele is foar LF 2018. It spultsje is yn de trije talen Frysk, Nederlânsk en Ingelsk, en is geskikt foar smartphones. De game Us: Lân fan Taal is ûntwikkele yn gearwurking mei de Fryske Academy en Grendel Games. De game bringt spilers yn kontakt mei bysûndere plakken yn Ljouwert en mei de skiednis fan 'e stêd.

It spultsje is benammen bedoeld foar de jongerein en foar besikers fan Ljouwert.

Taletún

Prinsetún? Taletún! Teminsten, dat wie it histoaryske stedspark fan april oant en mei oktober yn 2018. Mei de Taletún woe de Afûk besikers fan Lân fan taal de rykdom fan taal en meartaligens ûnderfine litte en harren aktivearje om sels kreatyf mei taal oan 'e slach te gean. Foar de realisasje fan it projekt wurke de Afûk yntinsyf gear mei ferskate partijen. Sa wienen der ferskillende keunstobjekten dy't besikers oan it tinken en oan it wurk setten mei taal, ûntwikkele troch Machiel Braaksma, Bouke Groen en Sibe Jan Kramer. Harren giele Semafoaren, harren soerstôk-eftige SkyTalen, it gedicht SOP en de Lûden joegen de tún in identiteit. De Taletún wie yn 2018 it grûngebiet fan famyljes en skoalklassen. Fan april oant en mei oktober hawwe der sa'n 30.000 unike besikers west foar it spesifike oanbod fan de Taletún. Dêrnjonken hawwe ek in soad oare besikers fan de Prinsetún geniete fan de keunstwurken en binne sy tagelyk yn 'e kunde kommen mei de alsidichheid fan taal.

Data: 31 maart o/m 28 oktober 2018

Koördinaasje: Afûk

Keunstners objekten: Sibe Jan Kramer, Bouke Groen en Machiel Braaksma

Underdielen: parkynrjochting, edukatyf programma, Deropút mei heit&mem

Parkynrjochting

Algemiene besikersoantallen binne lestich te neamen om't de keunstwurken yn in iepenbier terrein situarre binne. Besikers fan de binnenstêd, festivalgongers en boatsjeminsken hawwe frij gebrûk meitsje kinnen fan de ferskillende keunstwurken. Dêrby sprongen benammen SOP en Lûden yn it each. By de Semafoaren en de SkyTalen wie der in mear aktive hâlding fan de besiker nedich.

Ferskillende groepen fan oerheden, kulturele en edukative organisaasjes en ûndernimmers(ferieningen) boekten in arranzjemint by Talepaviljoen MeM ynkl. rûnlieding troch de tún en in presintaasje oer MeM. Sa'n 2.950 minsken hawwe dêr op dy wize gebrûk fan makke. Fia A guide to Leeuwarden kamen sa'n 3.300 minsken nei de Taletún foar in LF2018-tour, of in priveetoer mei spesifyk omtinken foar de Taletún en it Talepaviljoen MeM.

Parkynrjochting – SOP

Foar de Taletún ûntwurp Machiel Braaksma in 'talich' keunstwurk. Hy tovere de fiver fan de Prinsetún yn Ljouwert om ta 'sop', en stelde him dat sop foar as in orakel of entiteit. Troch de wei fan útfergrutte letterfermiselly liet er it sop – dat oant no ta altyd swijd hat – prate.

De letters driuwe om de fontein, it middelpunt fan de fiver, en meitsje de gedachten fan it sop dúdlik: mei in stakkato gedicht dielt it sop Houdini-achtige aspiraasjes mei it publyk.

O, WIE IK MAR GJIN SOP
DAN SETTE IK MYN FYTSHELM OP
EN JAGE HJIR OER ALLE PADEN
BULT OP, FYTS IK MY ÚT 'E NADEN
BULT ÔF, REMJE IK KREKT NET OP 'E TIID
EN IS IT PLONS, BIN IK WER SOP EN WIET

Mei dy frivoale, mar tagelyk trochtaastende bydrage fan 'SOP' heakke Machiel in libbene kollaazje en skilderij ta oan de Prinsetún.

Parkynrjochting – Semafoar

Yn de 18e iuw wie de Semafoar ien fan de meast revolúsjonêre wizen om rap boadskippen te ferstjoeren. It ferstjoeren fan in boadskip nei in plak 200 kilometer fierderop duorre mei in koerier op in hynder al gau 24 oeren. Mei de Semafoar waard dy tiid ynkoarte ta 9 minuten!

Mei in yngeueus seinsysteem mei meardere Semafoaren mei beweechbere earms koe oer grutte ôfstannen in boadskip stjoerd wurde. De bouwurken waarden op sichtôfstân (ûngefear 10 km) yn it lânskip pleatst. De telegrafisten koene mei in fierrekiker de oare tuorkes sjen en moasten de stannen fan de earms kopiearje. Sels wisten de telegrafisten net wat de koades betsjuten.

Sibe Jan Kramer liet him troch de Semafoar fan eartiids ynspirearje foar syn bydrage oan de Taletún. Dêrom wie it no hjir ek mooglik om oer ôfstannen dy't bûten it berik fan it ear lizze meielkoar te kommunisearjen. Elkenien koe in kodearre boadskip ferstjoere oan 'e hân fan ferskillende stannen. Mei dy ynspanning, dy't gearwurking, fysyk wurk en kunde ferget, kaam de histoarje út 1793 opnij ta libben yn de Taletún.

Parkynrjochting – Lûden

Yn de Prinsetún wie yn it foar al in soad oanwêzich. Bankjes, stekjes, lantearnepeallen, jiskefetten, stânbylden, brechjes en gean sa mar troch. It idee fan Lûden is ûntstien om guon fan boppesteande objekten in stim te jaan. Troch gebrûk te meitsjen fan kontaktspeakers wurde lûden ôfspile en liket it oft de objekten it lûd sels produsearje. Besikers koenen sykje nei lûden en se sammelje. De objekten mei in eigen lûd hiene elk harren eigen identiteit en boadskip.

Parkynrjochting – SkyTalen

Brûkers krigen in reep tekstyl dy't se yn in spiraalfoarm om in peal mei in spesifike diameter wuolje moasten, en dêr't se dan in wurd, sin of tekening op makken, yn 'e lingterjochting fan de peal. De tekens/ynfo op de lape wie sûnder in peal mei deselde diameter net te begripen, mar troch de lapen yn it park om de peallen te wuoljen, koe it boadskip wer ûntsifere wurde. It idee fan de SkyTalen is ûntliend oan it kodearark út de Grykske âldheid.

Edukatyf programma

Hast alle dagen wienen der ûnderwiisgroepen op besite yn de Taletún. Op it pjutteboartersplak/de basisskoalle hienen de measten in tal tariedende aktiviteiten ûndernommen en it slotstik fan harren edukative programma fûn plak yn de Taletún. Dêrby waarden de groepen ûntfongen troch in kombinaasje fan Afûk-meiwurkers, Afûk-frijwilligers en studinten fan de opliedingen Onderwijsassistent en Pedagogisch Medewerker fan ROC Friese Poort.

'It is hjir krekt de Efteling', sa sei juf Madelon fan OBS De Lamer út Aldlemmer. Yn de Taletún gongen besikers op syk nei en koene se boartsje mei taal. Op skoaldagen waard der in edukatyf programma oanbean foar pjutten, beukers en learlingen fan de midden- en boppebou fan it basisûnderwiis. Nei de tariedende lessen yn de klasse gongen pjutten en beukers yn de Taletún op syk nei de freontsjes fan Tomke of Rinze, holpen de bern fan groep 3, 4 en 5 fjoertoerwachter Bonk om syn freondintsje Vera út de see te rêden en holpen de boppebouwers Sietse om te ûntsnappen út it lân fan de *Moaipraters*.

Om de karakters út de ferhalen te helpen, brûkten de bern de ferskillende ynteraktive keunstobjekten.

Data: fan 3 april o/m 20 july en fan 24 septimber o/m 19 oktober 2018

Oantal besikers: 5.079

Partners: Cedin (ûntwikkeling), Friese Poort (begelieding) en Keunstwurk (PR en planning)

Skriuwers ferhalen: Riemkje Pitstra (*Freontsjes foar Tomke* foar VVE en *Rinze krijt nije freontsjes* foar groep 1 en 2), Mirjam van Houten (*Op Hork* foar groep 3, 4 en 5) en Paul van Dijk (*De Dûbelsprekker* foar groep 6, 7 en 8)

Produsinten fideo's: Mirjam van Houten en Harke Hilboezen (*Op Hork*), Videonerds NHL (*De Dûbelsprekker*)



<u>Programma</u>	<u>lokaasjes</u>	<u>groepen</u>	<u>learlingen</u>
progr. û.b.	58	69	1284
progr. m.b.	74	103	2.303
progr. b.b.	48	60	1.492
<i>totaal</i>	96	232	5.079
<u>Type ûnderwiis</u>			
pjutteboartersplakken	7	8	131
regulier basisûnderwiis	85	218	4.836
spesjaal ûnderwiis	4	6	112
âlden/learkrêften			1.270
kollega's			13
frijwilligers edukatyf			13
Studinten Friese Poort (175 dielnimmers oan de kolleezjes)			139

Deropút mei heit&mem

Rekreanten en toeristen wienen alle dagen wolkom yn de Taletún. Dêrnjonken wienen der 14 sneonen dat der in spesjaal programma wie foar bern fan 0 oant en mei 12 jier en harren heiten en memmen: 'Deropút mei heit&mem'. Op dy dagen wienen der in soad aktiviteiten yn de Taletún, organisearre troch de Afûk en oanbean troch ferskate (kulturele) partners.

De measte programmaûnderdielen waarden oanbean yn in spesjale tinte, guon yn it paviljoen MeM en oaren swalken mei de dielnimmers troch de tún. De measte aktiviteiten wienen talich fan aard. Sa waard der elke sneon foarlêzen út klassike berneboeken, foarljochting jûn oer foarlêzen oan poppen,

wienen der poppekastfoarstellingen mei Tomke, koenen bern printeboeken neibouwe mei Duplo en wie der in soad muzyk en toaniel, ek foar de bern sels om te spyljen. Dêrnjonken wienen der ferskate kreative workshops, keppele oan keunst of natuer.

Alle bern dy't in besite brochten oan de Taletún krigen it boekje 'Freontsjes foar Tomke' of 'Rinze krijt nije freontsjes'. Foar de âlden en pakes en beppes wienen der fergees boekjes te krijen oer meartalich grutbringen en talige aktiviteiten dy't thús mei de bern útfierd wurde kinne.

Data: 31 maart, 28 april, 5 en 26 maaie, 9 en 30 juny, 21 en 28 july, 4 en 25 augustus, 1 en 29 septimber, 20 en 27 oktober 2018.

Oantal besikers: 16.900

Totaal oantal foarstellingen: 125 (wêrfan't sa'n 88 troch partners oanlevere, wat in wearde fan € 26.400,- fertsjintwurdiget. Dêrnjonken hawwe de partners kosten makke foar de tarieding. Dêrby giet it om in bedrach fan sa'n € 33.800,-)

Fasilitearre partners:

EHBO vereniging Dantumadiel, MUDS audio visueel, gemeente Ljouwert, MKplus, Tresoar

Partners programmearring:

Strukturele partners: BSF, Fries Museum, HCL, Lân fan taal, Museumfederatie Fryslân, Natuurmuseum Fryslân, Omrop Fryslân, Princessehof, SFBO, Stichting Geschiedenis Kinder- en Jeugdliteratuur

Ienmalige partners y.f.m. festival: Befrijdingsfestival Fryslân, Fries Straatfestival, stichting Nederlandse dialecten, Fryske Akademy, Oude Glorie

Musea fia Museumfederatie Fryslân: Woudagemaal, Vlechtmuseum, Spitketenpark, Verzetsmuseum, Museum Belvédère, Fries Scheepvaartmuseum, Yeb Hettingamuseum

Biblioteken fia BSF: dBieb, Bibliotheken Noord-Fryslân, Bibliotheken Zuidoost-Fryslân

Oare ynsidintele partners: Simon Vestdijkcollege, Kameleondorp Terherne, Museum Hindeloopen, taalpartners (sjoch MeM)

Artysten:

Sander Metz, Mirjam van Houten, Paul van Dijk, Laurens Bontes, Luuk Klazenga, Jurjen van der Meer, Hans Wempe, Jikke van der Zee, Willy van Assen, Skelte Braaksma, Machiel Braaksma, Sibe Jan Kramer, Bouke Groen, Puyre, Brecht Wassenaar, Thijs Meester, Heksie Peksie, Xera, Martije, Hein Jaap Hilarides, Carolien Hunneman, Wiebe, Marlene Bakker, Stephan de Vos, Roelie de Vries, Pieteke de Boer, Arjan Hut, Sigrid Kingma, Lida Dykstra, Janneke Brakels, Jan Bresan & friends, Ate en Bertina, Jonny M, Nanne Ankie, Hindrik van der Meer, Knûkel, Hanneke de Jong, Linda de Haan, Shelley Wiersma

Programma:

(ynteraktive) foarlêssesjes

totaal oantal foarstellingen: 13

31/3 (oantal: 2), 9/6 (oantal: 4), 30/6, 21/7, 28/7, 25/8, 1/9, 29/9 (oantal: 2)

1. foarljochtingsmominten meartaligens/foarlêzen

totaal oantal foarstellingen: 15

31/3 (oantal: 2), 28/4 (oantal: 2), 5/5, 26/5 (oantal: 2), 9/6, 30/6 (oantal: 2), 28/7, 4/8, 25/8, 1/9, 29/9

2. kreative (taal)workshops

totaal oantal foarstellingen: 35

31/3 (oantal: 2), 28/4 (oantal: 4), 5/5 (oantal: 2), 5/5 (oantal: 3), 26/5 (oantal: 2), 9/6 (oantal: 2), 30/6 (oantal: 3), 21/7, 28/7 (oantal: 2), 4/8 (oantal: 2), 25/8 (oantal: 5), 1/9 (oantal: 3), 29/9 (oantal: 2)

3. **muzykfoarstellingen**

totaal oantal foarstellingen: 22

31/3 (oantal: 2), 28/4 (oantal: 2), 5/5 (oantal: 2), 26/5, 9/6 (oantal: 5), 30/6 (oantal: 3), 28/7, 4/8, 25/8 (oantal: 2), 1/9 (oantal: 2), 29/9

4. **poppekast:**

totaal oantal foarstellingen: 14

31/3 (oantal: 2), 28/4 (oantal: 2), 26/5 (oantal: 2), 30/6 (oantal: 2), 21/7 (oantal: 2), 1/9 (oantal: 2), 29/9 (oantal: 2)

5. **(taal)spelfoarm:**

totaal oantal foarstellingen: 20

31/3, 28/4, 5/5, 26/5 (oantal: 2), 9/6 (oantal: 2), 30/6 (oantal: 2), 21/7 (oantal: 2), 28/7, 4/8, 25/8 (oantal: 5), 1/9, 29/9

6. **teäterfoarstellingen:**

totaal oantal foarstellingen: 6

28/4, 26/5 (oantal: 3), 25/8, 29/9

4. Kultueroerdracht

Kultueroerdracht

Doel: nij perspektyf biede foar it oanbod, de ôfset en de produksje fan Fryske literatuer en it lêzen fan Fryske literatuer stimulearje.

Aksjes

- It útjaan fan Frysktalige boeken
- It foarmjaan fan it projekt Boeken fan Fryslân oangeande de promoasje en ferkeap fan Fryske boeken
- It stimulearjen fan it oanscaffen en lêzen fan Frysktalige boeken yn it fuortset ûnderwiis
- It útjaan fan it algemien-kultureel opinyblêd *de Moanne*.

Utjeften

De Afûk is útjouwer fan Fryske boeken en learmiddels foar de kursussen en it hiele ûnderwiisfjild. Njonken de reguliere útjeften foar de kursussen hawwe wy yn 2018 yn totaal 31 útjeften fersoarge, wêrfan sechstjin berneboeken (ynklusyf printeboeken) en jeugdboeken, seis útjeften mei literêre fiksje en njoggen mei non-fiksje. Fan dy 27 boeken gie it fiif kear om in werprintinge.

It boek *Sipke syn Alvestêdetocht/Sipke's Elfstedentocht* ferskynde yn it Frysk en it Nederlânsk en waard útjûn as Gouden Boekje, yn 'e mande mei Uitgeverij Rubinstein. By in spesjale presintaasje yn de iishal yn Ljouwert krige Wiebe Wieling it earste eksimplaar oerlange.

It earste eksimplaar fan it boek *Sline yn it ferline*, redaksje Ciska Noordmans en Douwkje Douma, oer ytgewoanten út it ferline, waard yn Doniahiem, Sint-Nyk, yn ûntfangst nommen troch deputearre Michiel Schrier.

Trije oare bysûndere meartalige projekten, mei yn it ramt fan Lân fan taal, wienen yn 2018 de Ingelsktalige útjefte fan *Fryslân, lân fan talen: The Story of Frisian* (troch Arjen Versloot en Reitze Jonkman) en de dûbeltdalige útjefte (ynklusyf Ingelsk) fan de ferneamde poëzystiennen yn Ljouwert: *Het metrum van de voetstap/The Metrical footstep*. Dêrneist wie der in bysûnder berneboek fan twa âlde rotten yn it fak: Dolf Verroen en Mindert Wynstra, dy't it Frysk-Nederlânske berneboek *Bart & Bouke* publisearren, dat presintearre waard by harren ôfskied as Schoolschrifer, yn Weidum. De Kommissaris fan de Kening, de hear Brok, krige by dy gelegenheid it earste eksimplaar oerlange.

Boekwinkel

It jier 2018 is úteinset mei in flinke ferbouwing fan de winkel. It hiele ynterieur is oprist, it ljocht is oanpast en der binne spesjale meubels makke foar yn de winkel en yn de etalaazje. Dy meubels binne te ferriden en dat soarget der ek foar dat se oan 'e kant kinne as der aktiviteiten yn de winkel binne. Sa hawwe der yn 2018 yn de winkel al in tal boekpresintaasjes west.

De omset fan de winkel wie, ek troch de oanrin fan besikers fan Kulturele Haadstêd en de ferromme iepeningstiden, grutter as oait yn de skiednis fan de Afûk. Oan 'e ein fan it jier is de websjop fan de Afûk hielendal fernijd.

Boeken fan Fryslân

Mei Boeken fan Fryslân besiket de Afûk yn gearwurking mei oare Fryske útjouwers de ferkeap en it lêzen fan Fryske boeken te befoarderjen, mei:

- alternative ferkeappunten: der binne yn 2018 yn Fryslân 54 alternative ferkeappunten fan Fryske boeken organisearre (merken, diskens ensfh.).

- ferkeap oan skoallen: der binne yn 2018 yn totaal 45 boekekisten nei skoallen brocht. Uteinlik hawwe 38 skoallen boeken besteld.
- Boek fan de Moanne: der hat yn 2018 6 kear in 'Boek fan de Moanne' west.
- Sutelaksje: der is yn 2018 op 18 plakken sutele mei boeken.
- Kadoboek foar bern 2018: yn gearwurking mei útjouwerij Bornmeer is yn it ramt fan de Berneboekewike foar de boppebou útbrocht it Aksjeboek foar bern *De Bonsterkes op 'e terp*, skreaun troch Hanneke de Jong en yllustrearre troch Linda de Haan. De oplaach wie 1000 stiks. It boek is ferstjoerd nei 35 boekhannels.
- Boekewikegeskink: yn it ramt fan de Nationale Boekenweek is yn 2018 it nasjonale boekewikegeskink fan Griet Op de Beeck oerset nei it Frysk troch Jetske Bilker. De Fryske edysje ferskynde yn in oplaach fan 8000 eksimplaren. Yn de Boekewike koenen klanten kieze tusken de Frysktalige en de Nederlânsktalige edysje as geskink. Op it Boekefeest yn Zalen Schaaf, mei in programma om de Flaamske skriuwster en in tal froulike Fryske auteurs hinne, kamen sa'n 300 minsken ôf.
- Dichter fan Fryslân: de begelieding fan de Dichter fan Fryslân, Eeltsje Hettinga. Alle 13 gedichten en publikaasjes binne ek trijetalich publisearre op de webside fan Dichter fan Fryslân (www.dichtervanfryslan.nl) en op de Facebookside fan it projekt.

Lêsbefoarderingsprojekt LêsNo

LêsNo is in lêsbefoarderingsprojekt foar bern yn de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis. It projekt is op inisjatyf fan it Platfoarm Lêsbefoarderings Frysk ta stân kaam en is in gearwurking fan Bibliotheekservice Fryslân, Cedin en de Afûk. Foar dizze edysje wurken útjouwerij Elikser en Grendel Games mei oan it projekt.

Dit jier stie by it LêsNo-projekt it boek *Nei de top, seis ferhalen oer ferneamde Friezen* sintraal. Foar de bondel is oan seis skriuwers de opdracht jûn om in ferhaal te skriuwen oer in bekende Fries, te witten: Abe Lenstra (Douwe Kootstra), Maurits Escher (Elske Kampen), Mata-Hari (Lida Dykstra), Grutte Pier (Paul van Dijk), Eise Eisinga (Janny van der Molen) en Doutzen Kroes (Jelle Bangma). De taryeding fûn plak yn 2017, de útfiering lykwols wie net yn jannewaris, lykas wenst, mar yn de seis wiken nei de maaiefakânsje. It projekt bestie út de folgjende produkten: in ferhalebondel, de taalgame US: Lân fan Taal (yn opdracht fan de Afûk ûntwikkele foar Lân fan taal), in audio- en meilêsfersy fan boppeneamde ferhalebondel en in seisdielige searje lessen mei oansprekkend lêsmateriaal en in dosintehantlieding.

Uteinlik hawwe 3.233 learlingen, ferdield oer 137 klassen, ôfkomstich fan 27 skoallen, meidien oan it projekt.

de Moanne

De Afûk hat yn 2018 yn opdracht fan Stichting de Moanne fiif reguliere útjeften fan it algemien-kultureel opinyblêd *de Moanne* fersoarge en dêrneist in spesjale útjeffe oer fiseue poëzy en in *special* nei oanlieding fan it 90-jierrich bestean fan de Afûk. Neist de papieren útjeffe wurdt ek de webside fan *de Moanne* aktyf ûnderhouden (www.demoanne.nl) mei aktuele bydragen. Fierders wiene der ferskate Moanne Live-aktiviteiten, lykas in poëzymidde op it UIT-festival yn Ljouwert, mei Nederlânske, Fryske en Flaamske dichters. Ta beslút waard der oparbeide mei Explore the North en is yn de Bildtse week yn MeM (Lân fan taal) de bondel Poetic Potatoes presintearre. *De Moanne* is fierder aktyf op Facebook en Twitter.